

## Haadstik 1

1 It boek mei it ferhaal fan Jezus Kristus, soan fan David, soan fan Abraham.

2 Abraham krige Izaäk, Izaäk krige Jakob, Jakob krige Juda en syn bruorren, 3 Juda krige Fares en Sarach by Tamar, Fares krige Esrôm, Esrôm krige Aram, 4 Aram krige Aminadab, Aminadab krige Naässôn, Naässôn krige Salmôn, 5 Salmôn krige Boës by Rachab, Boës krige Jôbêd by Ruth, Jôbêd krige Jessai, 6 Jessai krige David, de kening.

David krige Salomo by de frou fan Oeria, 7 Salomo krige Roboäm, en Roboäm krige Abia, Abia krige Asaf, 8 Asaf krige Jôsafat, Jôsafat krige Jôram, Jôram krige Ozzia, 9 Ozzia krige Jôatam, Jôatam krige Achaz, Achaz krige Ezekia, 10 Ezekia krige Manasse, en Manasse krige Amôs, Amôs krige Jôsia, 11 Jôsia krige Jechonia en syn bruorren yn 'e tiid fan 'e Babyloanyske ballingskip.

12 Nei de Babyloanyske ballingskip krige Jechonia Salatiël, Salatiël krige Sorobabel, 13 Sorobabel krige Abiûd, Abiûd krige Eliakym, Eliakym krige Azôr, 14 Azôr krige Sadök, Sadök krige Achym, Achym krige Eliûd, 15 Eliûd krige Eleäzar, Eleäzar krige Mattas, Mattas krige Jakob, 16 Jakob krige Joazef, de man fan Marije, by wa't Jezus berne waard, dy't de Kristus neamd wurdt.

17 Fan Abraham oan David ta binne it dus meiinoar fjirtjin stagen, en fan David oan 'e Babyloanyske ballingskip ta fjirtjin stagen, en fan 'e Babyloanyske ballingskip oan Kristus ta fjirtjin stagen.

18 En Jezus Kristus kaam der sa. Doe't syn mem Marije fersein wie oan Joazef, die it bliken, foardat hja by elkoar kamen, se wie swier fan 'e hillige Geast. 19 Mar Joazef, har man, dy't in rjochtfeardigienien wie en har net te skande meitsje woe, besleat om har stilwei fuort te stjoeren. 20 Mar mei't er dat betocht, sjoch, dêr ferskynde him yn in dream in ingel, dy't sei: 'Joazef, soan fan David, hoechst net bang te wêzen om Marije, dyn frou, by dy te nimmen. Want wat yn har ûntstien is, komt by de hillige Geast wei. 21 Se sil in soan krije, en do silst him de namme jaan: Jezus. Want hy is it dy't syn folk fan har sûnden rêde sil. 22 Sa komt út wat de Hear troch de profeet sein hat: 23 "Sjoch, de jongfaam sil swier wurde en in soan krije en se sille him de namme jaan: Emmanuel, dat as men it oerset betsjut fan 'God is by ús'." 24 Doe't Joazef wekker wurden wie út 'e sliiep, die er sa't de ingel fan 'e Hear him opdroegen hie, dat hy naam syn frou by him. 25 En hy hie gjin mienskip mei har, krekt salang dat se in soan krige. En hy joech him de namme Jezus.

## Haadstik 2

1 Doe't Jezus dan kommen wie yn it Judeeske Betlehem yn 'e tiid fan kening Heroades, sjoch, dêr kamen tsjoenders út it easten yn Jeruzalem oan, 2 dy't seine: 'Wêr is de krekt berne kening fan 'e Joaden? Wy hawwe syn stjer ommers yn it easten sjoen en binne kommen om foar him op knibbels.' 3 Mar doe't kening Heroades dat hearde, rekke hy derôf en hiele Jeruzalem **itselde**, 4 en nei't er alle hegeprysters en wetgelearden fan it folk byinoar roppen hie, woe er fan har witte: 'Wêr komt de Kristus?' 5 Hja seine tsjin him: 'Yn it Judeeske Betlehem. Sa stiet der ommers by de profet: 6 En do, Betlehem, lân fan Juda, bist lang de minste net ûnder de liederen fan Juda, want út dy sil de lieder wei komme, ien dy't hoeder wêze sil fan myn folk Israel.'

Met opmerkingen [1]: lyksa

7 Doe rôp Heroades de tsjoenders stilwei by him om har hielendal út te kloarkjen, wannear't dy stjer skynd hie. 8 En hy stjoerde har nei Betlehem ta mei it sizzen: 'As jimme dêrhinne geane, sykje dan sikuer út hoe't it mei dat berntsje sit. En as jimme dat útfûn hawwe, doch my dan berjocht, dat ik der ek hinne kin om foar him op knibbels.' 9 Op dy wurden fan 'e kening setten se ôf, en sje dêr, de stjer dy't se yn it easten sjoen hiene, gie foar har út, krekt salang dat dy oankaam en stean bleau boppe it plak dêr't it berntsje wie. 10 Doe't se de stjer wer seagen, wiene se alhiel út 'e skroeven sa bliid. 11 En se giene nei it hûs ta en seagen it berntsje mei Marije, syn mem. Se lieten har delfalle om foar him op knibbels. Se diene har skatkisten iepen om him geskinken oan te bieden: goud en wijreek en mirre. 12 En yn in dream warskôge om net wer by Heroades del, giene se dêr oer in oar paad wer wei nei har eigen lân ta.

13 Mar doe, doe't dy dêr wer wei setten wiene, ferskynde der alwer in ingel fan 'e Hear yn in dream oan Joazef, dy't sei: 'Wurd wekker, nim it berntsje en de mem mei en dan moatst flechtsje nei Egypte en dêr bliuwe oant ik it dy sis. Want Heroades is fan doel en gean op syk nei it berntsje om it te deadzjen.' 14 Hy waard wekker en naam it berntsje en de mem dy nachts noch mei en sette dêrwei nei Egypte ta. 15 En dêr bleau er oan Heroades syn ferstjerren ta, dat útkaam wat de Hear troch de profet sein hie: 'Egypte haw ik myn soan wei roppen.'

16 Doe't Heroades troch krige, hy wie troch de tsjoenders te fiter nommen, doe waard er poer, en hy liet alle jongesbern yn Betlehem en it berchlân dêromhinne fermoardzje, fan twa jier en jonger, neffens it tiidrek dat er fan 'e tsjoenders útfigearre hie. 17 Doe kaam út wat sein wie troch Jeremia de profet:

18 Der waard in lûd yn Rama heard,  
in skriemen en fel gûlen:  
Rachel, dy't har bern beskriemde,  
en treast woe se net fan witte  
want wei binne se.

19 Mar doe, doe't Heroades stoarn wie, ferskynde der alwer in ingel fan 'e Hear yn in dream oan Joazef yn Egypte, 20 dy't sei: 'Wurd wekker, nim it berntsje en de mem mei en dan moatst nei it lân Israel ta reizgje. Want deselden dy't om it libben fan it berntsje út wiene, binne dea.' 21 Hy waard wekker en naam it berntsje en de mem mei en gie nei it lân Israel.

22 Mar doe't er hearde, Archelaos wie no kening fan Judéa ynstee fan syn heit Heroades, doarde er dêr net wer hinne. En yn in dream warskôge gie er dêrwei nei Galileesk gebiet, 23 en dêr sette er him nei wenjen yn in stêd dy't Nazaret hiet, dat útkaam wat troch de profeten sein wie: 'Hy sil in Nazoreeër neamd wurde.'

### Haadstik 3

1 Doe kaam de tiid dat Jehannes de Doper him oppenearre. Hy preke yn it Judeeske wyldlân 2 mei it boadskip: Jimme moatte oars, want Gods hearskippij is no tichtby!

3 Hy is it ommers dy't troch de profeet Jesaja foarsein is:

It lûd fan ien dy't ropt yn 'e woastyn: Meitsje it paad fan 'e Hear ree, jimme moatte soargje dat syn wegen rjocht rinne!

4 Jehannes sels hie klean oan fan kamielehier en in learene riem om 'e mul, en syn iten wie sprinkhoannen en wylde huning. 5 Yn dy tiid reizge Jeruzalem en hiele Judéa en de hiele Jordaankrite nei him ta, 6 en se lieten har yn 'e Jordaen troch him dope, wylst se foar har sûnden útkamen.

7 Doe't er in kear frijwat fan 'e Fariseeërs en Sadduseeërs op syn doop ta kommen seach, seid er tsjin har: 'Njirrebrod, wa hat jimme ynflústere om te flechtsjen foar de grime dy't deroan komt? 8 Draach dan frucht dy't by dy feroaring past! 9 En tink mar net by jimsels dat jimme wol sizze kinne: Wy hawwe Abraham as heit, want ik sis jimme, God kin út dy stiennen dêr wol bern foar Abraham yn 't libben roppe. 10 En no al rêst de bile op 'e woartel, dat elke beam dy't gjin goede frucht draacht, wurdt derwei slein en bedarret yn it fjoer.

11 Ik dompelje jimme dan wol yn wetter ûnder, dat jimme jimme feroarje, mar dy't efter my oan komt, is sterker as my. Ik bin net iens goed genôch en bring syn sandalen fuort. Hy is it dy't jimme ûnderdompelje sil yn hillige geast en fjoer. 12 En de wanne hat er yn 'e hân en hy sil syn hiele terskflier suverje en syn nôt yn 'e skuorre byinoar bringe, mar it tsjêf ferbaarnt er mei fjoer dat net út te krijen is.'

13 Doe kaam Jezus dêr ek hinne, út Galiléa wei, nei de Jordaen ta, by Jehannes, om troch him doopt te wurden. 14 Mar Jehannes woe him keare mei it sizzen: 'Ik haw der just ferlet fan om troch jo doopt te wurden, en no sille jo by mij komme?' 15 Mar Jezus sei wer tsjin him: 'Lit no mar gewurde, want sa hearre wy alles wat rjocht is ta in ein te bringen.' Doe liet er him gewurde. 16 En doe't er doopt wurden wie, kaam Jezus dalik út it wetter wei. En sjedêr, de himel gie iepen, en hy seach Gods Geast, dy't delsaaide krekt as in do, op him ta setten. 17 En sjedêr, der klonk in lûd út 'e himel: 'Dat is myn leave soan. Ik bin wiis mei him.'

#### Haadstik 4

1 Doe waard Jezus troch de Geast meifierd nei de woastyn om troch de duvel hifke te wurden. 2 En neidat er fjirtich dagen en fjirtich nachten fêste hie, krige er op it lêst honger. 3 En syn ferlieder kaam by him en sei: 'Asto de soan fan God biste, sprek dan, dat dy stiennen bôlen wurde.' 4 Mar hy antwurde: 'Der stiet:

Net fan brea allinne sil de minske libje, mar fan elk wurd dat klinkt út 'e mûle fan God.'

5 Doe naam de duvel him mei nei de hillige stêd en hy sette him op 'e râne fan it timpeldak. 6 Hy sei tsjin him: 'Asto de soan fan God biste, spring dan nei ûnderen. Der stiet ommers:

Syn ingels sil er opdracht jaan oer dy  
en op hannen sille se dy drage,  
datst dy net ien kear de foet oan in stien stjitst.'

7 Jezus sei tsjin him: 'Oan 'e oare kant stiet der ek:

Do silst de Heare dyn God net útprobearje.'

8 Nochris naam de duvel him mei, no nei in tige hege berch. Hy liet him alle keninkriken fan 'e wrâld en har hearlikheid sjen 9 en sei tsjin him: 'Dat jou ik dy allegearre, asto dy delfalle litst om foar my op knibbels.' 10 Doe sei Jezus tsjin him: 'Gean hjirwei, Satan! Der stiet ommers:

De Heare, dyn God, silst oanbidde en allinnich him silst tsjinje.'

11 Doe liet de duvel him gewurde, en sjudêr, der kamen ingels by him en dy holpen him.

12 Mar doe't er hearde dat Jehannes oerlevere wurden wie, gie er dêr wer wei nei Galiléa ta.

13 En hy liet Nazaret efter him en gie hinne en sette him nei wenjen yn Kafarnaüm, oan 'e mar yn 'e krite fan Sebulon en Naftaly, 14 dat útkaam wat troch Jesaja de profeet sein wie:

15 Lân fan Sebulon en lân fan Naftaly,  
dat út fan 'e mar, oarekant de Jordaen, Galiléa fan 'e heidenen,

16 it folk dat yn it tsjuster ferkearde, hat in grut ljocht sjoen,  
en foar dy't yn it lân en it skaad fan 'e dea ferkearden, foar har is in ljocht opgien.

Fan dy tiid ôf begûn Jezus te preekjen mei it boadskip: 'Jimme moatte oars, want Gods hearskippij is no tichtby!'

18 Doe't er in kear by de mar fan Galiléa lâns kuiere, seach er twa bruorren, Simon, dy't Petrus neamd wurdt, en dy syn broer Andreas. Dy wiene krekt dwaande om in net yn 't wetter te smiten, want it wiene fiskers. 19 Dêr sei hy tsjin har: 'Kom efter my oan, dan meitsje ik minskefiskers fan jim.' 20 En hja lieten daliks de netteboel dêr bliuwe om him te folgjen. 21 En doe't er dêrwei fierder rûn, seach er twa oare bruorren, Jakobus fan Sebedéus, en Jehannes, dy syn broer. Dy wiene dwaande om oan board de netteboel mei Sebedéus, har heit, yn oarder te meitsjen. Dy rôp er ek. 22 En hja lieten daliks it skip en har heit dêr bliuwe om him te folgjen.

23 En hy gie hiele Galiléa yn 't rûn, mei't er ûnderrjocht joech yn har synagogen en it bliid boadskip preke fan Gods hearskippij en alle sykten en alle krupsjes by it folk mei soarch behannele. 24 De rop fan him bedarre sels yn hiele Syrië. En se brochten elk dy't net goed wie, troch hokker sykte ek, by him, en elk dy't troch lijen pleage waard, guon dy't kweageasten hiene en guon mei lêst fan 'e moanne en guon dy't ferlamme wiene, en hy joech har har gerak. 25 Gâns ploegen kamen ek út Galiléa en de Dekápolis en Jeruzalem en Judéa en fan oarekant de Jordaen efter him oan.

## Haadstik 5

1 Doe't er al dy minsken seach, gie er by de berch op. En neidat er sit nommen hie, joegen syn learlingen har by him, 2 en hy begûn te sprekken. Dit wie syn ûnderrjocht:

3 Lokkich binne deselden dy't witte dat se ôfhinklik binne, want foar sokke minsken komt Gods hearskippij.  
4 Lokkich binne deselden dy't har reitsje litte troch fertriet, want dy binne it dy't it by God goed krije sille.  
5 Lokkich binne deselden dy't net op har stik steane, want dy binne it dy't de ierde te ervjen krije.  
6 Lokkich binne deselden dy't honger en toarst hawwe nei de gerjochtichheid, want dy binne it dy't God sêd jaan sil.  
7 Lokkich binne deselden dy't har troch in oar bewege litte, want dy binne it troch wa't God him bewege lit.  
8 Lokkich binne deselden dy't earlik en oprjocht binne, want dy binne it dy't by God útkomme.  
9 Lokkich binne deselden dy't op frede út binne, want se komme fan minsken fan God te hjitten.  
10 Lokkich binne deselden dy't se altyd op 'e hûd sitte om har goede deden, want foar sokke minsken komt Gods hearskippij.

11 Lokkich binne jimme, wannear't se jimme dingen ferwite en jimme oankleie en fan alle mooglike ferkeards beskuldige fanwegen my. 12 Jimme moatte bliid wêze en út 'e skroeven, want grut is jimme bealanning yn 'e himel. Sa hawwe se ommers ek de profeten foar jimme op 'e hûd sitten.

13 Jimme binne just it sâlt fan 'e ierde! En as dat sâlt sleau wurdt, wêr sille se it dan wer sâlt mei krije? It hat gjin inkelde wearde mear – se kinne it likegoed bûtendoar smite dat de minsken der mar oerhinne rinne.

14 Jimme binne just it ljocht fan 'e wrâld! In stêd kin men net ferstopje, as dy boppenop in berch leit. 15 Se stekke dochs ek net in oaljelampe oan en sette dy dan ûnder in amer? Nee, op 'e lampestander, en dan skynt er foar elk dy't yn 'e hûs is. 16 Sa moat jimme ljocht foar de minsken skine, dat se jimme goede manier fan libjen sjogge en jimme heit yn 'e himel de eare jouwe.

17 No hoege jimme net te mienen, ik bin kommen om wet of profeten ôf te skaffen. Ik bin net kommen om regels ôf te skaffen, mar om regels nei te libjen sa't se bedoeld binne. 18 Want jawier, ik sis jimme: oant it safier is dat de himel en de ierde ferdwine, sil der net ien letterke of ien streekje út 'e wet ferdwine – krekt salang dat alles sa fier is. 19 Dy't dus ien fan dizze mar hiel gewoane geboadens ferbrekt dy't no folgje, en de minsken ek leart om dat te dwaan, dy komt bekend te stean as net yn tel as God kening wurdt. Mar dy't se docht en oaren leart, dyselde komt bekend te stean as in foarnamenien as God kening wurdt. 20 Want ik sil jimme sizze, as jimme gerjochtichheid aansen net alderrojaalt is – noch mear as dy fan 'e wetgelearden en Fariseeërs –, dan bedarje jimme net by God ûnder syn hearskippij.

21 Jimme hawwe heard, dat der sein wurden is tsjin 'e minsken fan 'e begjintiid: Net moardzje, en dy't al ien fermoardet, dy kin mar rekkenje op feroardieling. 22 Mar ik sis tsjin jimme: Elk dy't liik is op syn broer, dy kin mar rekkenje op feroardieling, en dy't tsjin syn broer seit fan 'omkoal', dy kin mar rekkenje op de Hege Ried, en dy't seit fan 'suffert', dy kin mar rekkenje op 'nei de fjoerhelle!'.

23 Dat, asto dyn offer nei it alter ta bringst en dêr betinksto, dat dyn broer in beswier tsjin dy hat, 24 lit dyn offer dêr dan mar foar it alter stean en gean earst hinne en meitsje it mei dyn broer wer goed. Dêrnei kinst dyn offer bringe.

25 Dyn tsjinpartij moatst gau syn sin jaan, salang asto noch krekt as him ûnderweis bist. Oars kin de tsjinpartij dy yn hannen jaan fan 'e rjochter, en de rjochter wer yn dy fan 'e wachter, en dan wurdst fêstset. 26 Jawier, ik sis dy: dêr komst net wer út, foardatsto dyn lêste sint útjûn hast.

27 Jimme hawwe heard, dat der sein wurden is: net troubrekke. 28 Mar ik sis jimme: elk dy't nei in oar syn frou sjocht om sin oan har te krijen, hat yn syn hert al troubrek mei har dien.

29 As dyn rjochtereach dy dan stroffelje lit, helje it derút en smyt it by dy wei. It is foar dy ommers de baas, datsto ien fan dyn lichemsdielen kwytrekkest en net mei de hiele hûd yn 'e hel bedarrest. 30 Ek as dyn rjochterhân dy stroffelje lit, slaan him derôf en smyt him by dy wei. It is foar dy ommers de baas, datsto ien fan dyn lichemsdielen kwytrekkest en net mei de hiele hûd yn 'e hel útkomst.

31 Mar der is dochs sein: dy't syn frou fuortstjoert, moat har in ferklearring meijaan dat er ôfstân fan har docht? 32 Mar ik sis jimme: elk dy't dwaande is om syn frou fuort te stjoeren, útsein om reden fan in ferkearde omgong, dy lit har troubrekke, en ien dy't mei in fuortstjoerde frou trout, dy is sels oan it troubrekken.

33 Nochris, jimme hawwe heard, dat der sein wurden is tsjin 'e minsken fan 'e begjintiid: gjin falske eed dwaan, mar in eed by de Hear is binend. 34 Mar ik sis jimme: hielendal net swarre. By de himel net, omdat it de troan fan God is, 35 by de ierde net, omdat it syn fuotbank is, by Jeruzalem net, omdat it de stêd is fan 'e grutte kening, 36 en ek by dyn holle net swarre, omdatsto net by steat bist en meitsje ien hier wyt of swart.

37 En jimme jawurd moat gewoan 'ja' wêze, jimme neewurd gewoan 'nee', en wat jimme dêroerhinne betinke, komt by de Kweade wei.

38 Jimme hawwe heard, dat der sein wurden is: in each om in each en in tosk om in tosk. 39 Mar ik sis jimme: hielendal neat weromdwaan tsjin it ferkearde! Mar wannear't ien dy op it rjochterwang slacht, draai dy it oare ek ta. 40 En dy't mei dy foar 't rjocht wol en dyn klean yn beslach nimme, lit him de mantel ek hawwe. 41 En wannear't ien dy foarderet foar ien myl, rin dan twa mei him.

42 Jou oan ien dy't dy wat freget, en kear ien dy't fan dy liene wol de rêch net ta.

43 Jimme hawwe heard, dat der sein wurden is: do silst dyn neiste tagedien en tsjin dyn fijân wêze. 44 Mar ik sis jimme: jimme moatte jimme fijannen tagedien wêze, en bidde foar dy't jimme op 'e hûd sitte, 45 dat jimme neifolgers wurde fan jimme Heit yn 'e himel. Want dy lit syn sinne opgean oer ferkearden en goeden en jout reinwetter op rjochtfeardigen en ûnrjochtfeardigen. 46 As jimme ommers tagedien binne dy't jimme ek tagedien binne, wat hawwe jimme dan foar lean? Dogge de tolgarders dat ek net? 47 Krekt gelyk, as jimme allinnich jimme bruorren yn 'e earmen prangje, wat dogge jimme dêr dan oerhinne? Dogge de heidens dat ek net? 48 Jimme sille dus just hielendal goed wêze sa't jimme himelheit hielendal goed is.

## Haadstik 6

1 Jimme moatte hjir goed om tinke: dat jimme jimme goede dieden net dogge foar it each fan 'e minsken, om jimme foar har besjen te litten. Want oars hawwe jimme teminsten gjin lean by jimme Heit yn 'e himel.

2 Alle kearen datsto dus in bidler wat joust, trompetsje it net foar dy út, op 'e manier dat dy toanielspylders yn 'e synagogen en yn 'e stegen dogge, om eare fan 'e lju te krijen. Jawier, ik sis jimme, dy binne al lyk. 3 Mar asto in bidler wat joust, dan mei dyn linkerhân net iens witte wat dyn rjochterhân docht, 4 dat watsto joust yn it ferburgene plakfynt. En dyn heit, dy't yn it ferburgene sjocht, sil it dy fergoedzje.

5 Ek alle kearen dat jimme bidde, sille jimme net krekt as dy toanielspylders wêze. Dy meie ommers graach yn 'e synagogen en op 'e strjithoeken stean te bidden, dat se opfalle by de minsken. Jawier, ik sis jimme, dy binne al lyk, mei har lean. 6 Mar alle kearen datsto bidst, gean dan by dy yn 'e berging, slút de doar ôf en bid sa ta dyn heit, dy't yn it ferburgene is. En dyn heit, dy't yn it ferburgene sjocht, sil it dy fergoedzje.

7 En jeuzelje der ûnder it bidden net yn om lykas de heidens. Dy miene ommers dat der nei har harke wurdt as se mar safolle mooglik wurden brûke. 8 Dat, wurd net krekt as har. Jimme heit wit ommers wol wêr't jimme ferlet fan hawwe foardat jimme him wat freegje.

9 Op dizze wize dus moatte jimme just bidde:

Us Heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
10 lit jo hearskippij komme,  
lit jo wil op ierde likegoed dien wurde as yn 'e himel.  
11 Jou ús hjoed ús brea foar de dei fan moarn,  
12 en meitsje ús frij fan ús skulden, sa't wy dy't by ús yn 'e skuld binne  
dêr ek frij fan makke hawwe,  
13 en bring ús net yn ferlieding  
mar rêd ús fan it ferkearde.  
Want jowes is de hearskippij  
en de krêft  
en de hearlikheid  
oant yn ivichheid. Amen.

14 Want as jimme de minsken har misse setten ferjouwe, dan sil jimme himelheit jimme ek ferjaan.  
15 Mar as jimme de minsken net ferjouwe, dan sil jimme heit jimme jimme misse setten ek net ferjaan.

16 En alle kearen dat jimme fêstje, dan moatte jimme net sa rinne te mál sjen krekt as dy toanielspylders. Want dy ken men suver net, sokke gesichten sette se op, dat it de lju mar opfalt dat se oan it fêstjen binne. Jawier, ik sis jimme, dy binne al lyk, mei har lean. 17 Mar asto fêstest, smar dy dan de holle yn en waskje it gesicht, 18 dat it net de minsken opfalt datsto oan it fêstjen bist, mar dyn heit, dy't yn it ferhoalene is. En dyn heit, dy't yn it ferhoalene sjocht, sil it dy fergoedzje.

19 Jimme moatte jimme gjin kaptalen byinoar garje op ierde, dêr't mot en fretterij de boel ferrinnwearje en dêr't dieven ynbrekke en de boel stelle. 20 Jimme moatte jimme just kaptalen byinoar garje yn 'e himel, dêr't mot noch fretterij de boel ferrinnwearje en dêr't dieven net ynbrekke en neat stelle. 21 Want dêr't dyn kaptaal is, dêr sil dyn hert ek wêze.

22 De eagen soargje dat it lichem sjen kin. Dus, is der neat mei dyn eagen, dan hat dyn hiele lichem sicht. 23 Mar as dyn eagen net yn oarder binne, dan is dyn hiele lichem blyn. As no dyn ynderlik sicht ris tsjuster is, hoe'n tsjuster wurdt dat dan wol net! 24 Net ien kin slaaf wêze fan twa masters. Hy sil dan ommers tsjin de iene wêze en de oare tagedien, of de iene heech hawwe en op 'e oare delsjen. Jimme kinne God en de Jildgod net beide tsjinje.

25 Dat sadwaande sis ik jimme: jimme moatte net yn noed sitte oer jimme libben, wat jimme ite sille, en ek net oer jimme lichem, wat jimme oandwaan sille. Is it libben net mear as de kost en it lichem as de klean? 26 Tink ris om de fûgels yn 'e loft, dat se net siedzje en net rispje en yn skuorren opslane, en dat jimme himelheit se de kost jout. Kypje jimme der net mear út as dyen? 27 En wa fan jimme kin ek nochris troch noed te hawwen ien jellen oer syn tiid fan libjen hinne dwaan?

28 Klean ek, wêrom sitte jimme dêroer yn? Besjoch de leeljes op it fjild ris, hoe't se har ûntjouwe: se wrotte net en se spinne net. 29 Mar ik sis jimme: sels Salomo yn al syn keningspracht wie net sa moai yn 'e klean as ien fan dyen. 30 En as God no it planteguod op it fjild, dat der de iene deis noch is en de oare deis op it stookplak smiten wurdt, sa oanklaait – klaait er jimme dan net folle mear, mei jimme bytsje betrouwen?

31 Jimme hoege dus net yn noed te sitten en te tinken: Wat sille wy ite? of: Wat sille wy drinke? of: Wat moatte wy oan hawwe? 32 Al dy dingen freegje de heidenfolken ommers om. Want jimme himelheit wit wol dat jimme dat allegear nedich binne. 33 Mar jimme moatte strjibe nei syn hearskippij en gerjochtichheid, en al dy dingen sille der foar jimme by dien wurde. 34 Sit dus net yn noed oer de dei fan moarn, want de dei fan moarn sil wol oer himsels yn sitte. In dei hat genôch oan syn eigen ellinde.

## Haadstik 7

1 Jimme moatte gjin rjochter wêze wolle, dat jimme net sels berjochte wurde. 2 Want de feroardieling dêr't jimme mei rjochtsje, sille jimme mei berjochte wurde, en de mjitte dêr't jimme mei mjitte, sil foar jimme mei metten wurde. 3 Mar wêrom sjochsto wol de splinter yn 't each by dyn broer, en ferminst by dysels de balke yn 't each net? 4 Of hoe silst tsjin dyn broer sizze: Toe, lit my dy splinter by dy út it each helje? En sjoch, dy balke yn dyn eigen each! 5 Toanielspylder dy'tste biste, helje earst by dysels de balke út it each, en dan kinst mar tasjen om de splinter by dyn broer út it each te heljen.

6 Jou hillich iten net oan 'e hûnen, en smyt de bargaen gjin pearls foar, oars dan ferwâdzje se dy mei de poaten, of draaie se har om en ferskuorre jimme.

7 Freegje mar, en der sil jimme jûn wurde. Sykje mar, en jimme sille fine. Klopje mar, en der sil jimme iependien wurde. 8 Elk dy't freget, dy kriget, en dy't siket, dy fynt, en foar dy't kloppet, sil iependien wurde. 9 Net ien fan jimme fuorret syn jonge dochs in stien op, as dy om brea freget? 10 Net ien fuorret him dochs ek in slange op, as er om in fiskje freget? 11 As jimme dus, sels as jimme ferkeard binne, by steat binne om jimme bern goede dingen te jaan, hoefolste mear sil dan jimme heit yn 'e himel goede dingen jaan oan dy't him wat freegje!

12 Dat, alles wat jimme mar wolle dat de lju foar jimme dogge, dat moatte jimme sa ek foar har dwaan. Want dat is de wet en de profeten.

13 Gean it nauwe poartsje yn. Want rom en breed oanlein is de strjitte dy't by de ûndergong útkomt, en der binne in protte dy't dy nimme. 14 Wat is de poarte nau en wat is de strjitte benearjend dy't by it libben útkomt! En der binne mar in pear dy't dy fine kinne.

15 Jimme moatte by de sabeare profeten wei bliuwe, dy't wakker by jimme komme yn skieppeklean, mar ynderlik roppige wolven binne. 16 Oan har fruchten sille jimme har kenne. Siket men soms fan stikels druven of fan toarnebosken figen? 17 Sa draacht elke goede beam bêste fruchten, mar de ferkearde beam draacht minne fruchten. 18 In goede beam kin gjin minne fruchten drage, en in ferkearde beam ek gjin bêste fruchten drage. 19 Elke beam dy't gjin goede frucht draacht, wurdt útgroeven en yn it fjoer smiten. 20 Sadwaande, oan har fruchten sille jimme har derút kenne.

21 Net elk dy't my oansprekt fan 'Hear, Hear', sil derby hearre as it oangiet mei Gods hearskippij, mar deselde dy't de wil docht fan myn heit yn 'e himel. 22 In protte sille op dy dei my oansprekke fan 'Hear, Hear, hawwe wy net mei jo namme profetearre, mei jo namme duvels útband en mei jo namme gâns machtige dieden dien?' 23 En dan sil ik harren earlik sizze moatte: Al dy kearen koe ik jimme net iens. Gean by my wei, jimme fan gjin regel wat oan te lûken!

24 Elkenien dus dy't dizze wurden fan my heart en derneffens docht, dy wurdt krekt as dy ferstannige man, dy't syn hûs op 'e rots boud hie. 25 De rein kaam nei ûnderen, de wetters kamen opsetten, de winen bliezen en alles kaam op dat hûs del, en it stoarte net yn, want it hie fêstichheid op 'e rots. 26 En elk dy't dizze wurden fan my heard hat en der net neffens docht, dy wurdt krekt as dy domme man, dy't syn hûs op it sân boud hie. 27 De rein kaam nei ûnderen, de wetters kamen opsetten, de winen bliezen en alles sloech tsjin dat hûs oan, en it stoarte yn, en doe stoarte der hiel wat yn.

28 En doe't it sa fier wie dat Jezus klear wie mei dy wurden, wiene de minsken der hielendal ôf troch syn ûnderrjocht, 29 want hy wie ien dy't syn ûnderrjocht joech mei gesach, en net krekt as har wetgelearden.

## Haadstik 8

1 Doe't er wer by de berch del gie, folgen him grutte kloften. 2 En sjoch, dêr kaam in man mei hûdsykte by him en dy lei foar him op knibbels mei de wurden: 'Hear, as jo wolle, kinne jo my wer skjinn meitsje.' 3 En hy stiek de hân út en rekke him oan mei de wurden: 'Dat wol ik: wurd skjinn!'

En daliks waard er skjîn fan syn hûdsykte. 4 Jezus sei op syn bar tsjin him: 'No moatst derom tinke datst dit oan net ien fertelst, mar gean hinne en lit dysels oan 'e pryster sjen en bring de offerjefte dy't Moazes foarskreaun hat, dat se in tsjûgenis hawwe.'

5 Hy kaam yn Kafarnaüm en dêr kaam in offisier op him ta, dy't him om help frege 6 en sei: 'Hear, myn feint leit thús op bêd en kin neat, sa'n stik pine hat er.' 7 Syn antwurd wie: 'Moat ik dan komme om foar him te soargjen?' 8 Doe antwurde de offisier: 'Hear, ik bin net goed genôch dat jo by my ûnder it dak komme. Mar sprek inkeld in wurd, en myn feint sil better wurde. 9 Sels bin ik ommers ek in man dy't ûnder befel stiet, mei soldaten ûnder my, en tsjin dy sis ik fan: Gean dêrhinne, en dan giet er dêrhinne, en tsjin in oarenien fan: Hjir komme, en dan komt er, en tsjin myn slaaf fan: Doch dat, en dan docht er it.' 10 Doe't er dat hearde, ferwûndere Jezus him en hy sei tsjin 'e lju dy't him folgen: 'Jawier, ik sis jimme: by net ien haw ik yn Israel sa'n stik betrouwen fûn. 11 En ik sil jimme sizze, gâns minsken út east en west sille komme en oanskikke by Abraham en Izaäk en Jakob as God kening wurdt, 12 mar de erfgenamten fan it keningskip wurde derút smiten, yn it tsjuster bûtendoar. Dêr kin dan skriemd wurde en toskekmarst. 13 En Jezus sei tsjin 'e offisier: Gean mar fierder. Neffens it betrouwen datsto hân hast, sil it ek foar dy komme. En de feint waard op dat stuit wer better.

14 Jezus kaam ek by Petrus yn 'e hûs en dêr seach er dy syn skoanmem op bêd lizzen en oan 'e koarts lijen. 15 Hy krige har by de hân en de koarts gie by har wei en se kaam oerein. Doe sette se har ek foar him yn.

16 It wie al let op 'e jûn en se brochten noch gâns minsken mei in kweageast by him. En hy dreau de geasten út mei syn wurd en allegearre dy't der min oan ta wiene, joech er omtinken, 17 dat útkaam wat troch de profet Jesaja sein wie:

Hysels hat ús krupsjes op him nommen  
en ús sykten hat er droegen.

18 Doe't Jezus in kear in hiele mannichte om him hinne seach, joech er opdracht om nei de oare kant ta. 19 En der wie in wetgelearde dy't op him ta kaam en sei: 'Master, ik sil jo folgje, wêr't jo mar hinne geane.' 20 Jezus syn antwurd wie: 'De foksen hawwe hoalen en de fûgels yn 'e loft hawwe nêstplakken, mar de Minskesoan kin nearne de holle dellizze.' 21 In oarenien fan 'e learlingen sei tsjin him: 'Hear, jou my earst it frij om hjirwei en ús heit te begraven.' 22 Mar Jezus syn antwurd wie: 'Moatst my folgje. Lit de deaden har eigen deaden mar begrave.'

23 Mei't er oan board gie, folgen syn learlingen him. 24 En sjudêr, der kaam in grutte skuorwyn op 'e mar, dat it skip waard suver wei ûnder de weagen, mar sels lei er te sliepen. 25 Se kamen by him om him wekker te meitsjen en se seine: 'Hear, rêd ús, wy komme hjir om!' 26 Syn antwurd wie: 'Hoen, binne jimme benaud, mei jimme bytsje betrouwen?' Doe, oereinkommen, lies er de stoarmwinen en de mar it leksum, en rûnom waard it wetter stil. 27 En de lju ferwûnderen har en seine: 'Hoe'nes is dy man wol net, dat sels de stoarmwinen en de mar nei him harkje?'

28 Doe't er oan 'e oare kant kaam, yn it lân fan 'e Gadarenen, kamen him twa manlju mei in kweageast út 'e grêven wei yn 'e mjitte, slim boas, dat net ien by steat wie om dat lâns oer dat paad. 29 En sjudêr, se âlen it út: 'Wat hawwe jo mei ús nedich, soan fan God? Binne jo hjir soms kommen om ús foar ús tiid al te pinigjen?' 30 No rûn der in ein fan har ôf in grutte keppel bargaen te weidzjen. 31 En de kweageasten stiene der mar by him op oan: 'As jo ús dan útdriuwe, stjoer ús dan yn 'e keppel bargaen.' 32 Hy sei tsjin har: 'Fuort!' En se giene út dy mannen wei, nei dy bargaen. En sjudêr, de hiele keppel stode by de hichte del, de mar yn, en se fersûpten yn it wetter. 33 Dy't se hoede hiene, flechten dêrwei, en se giene nei de stêd om it hiele ferhaal fan 'e manlju mei de kweageasten te fertellen. 34 En sjoch, de hiele stêd rûn út om Jezus yn 'e mjitte, en doe't se him seagen, stiene se der by him op oan dat er wer út har kontreien wei gie.

Haadstik 9

1 Hy gie wer oan board om oer te stekken en hy gie wer nei syn eigen stêd. 2 En sjudêr, se wiene

dwaande om in lammenien by him te bringen, ien dy't net mear fan 't bêd koe. Doe't Jezus har betrouwen seach, sei er tsjin 'e lamme man: 'Moed hâlde, jonge, dyn sünden wurde ferjûn.' 3 En sjoch, in pear wetgelearden seine tsjin elkoar: 'Dy man hat de gek mei God!' 4 Jezus, dy't wol seach wat se har yn 'e holle hellen, sei: 'Wêrom helje jimme jimsels ferkearde gedachten yn 'e holle? 5 Wat is oars makliker, te sizzen fan: Dyn sünden wurde ferjûn, of te sizzen fan: Kom mar oerein en rin ris in eintsje? 6 Mar dat jimme witte dat de Minskesoan op ierde macht hat om sünden te ferjaan' – en op dat stuit spruts er de lamme man oan: 'Kom oerein, krij dyn bêd en nei hûs ta!' 7 En hy kaam oerein en sette nei hûs ta. 8 Doe't de mannichten dat seagen, krigen se ûntsach en ferhearliken God omdat hy ien mei sa'n macht oan de minsken jûn hie.

9 Meidat Jezus wer fierder gie, seach er in man by it tolhûs sitten, dy't fan Mattéus hiet. Tsjin him sei er: 'Do moastst my folgje.' En hy kaam oerein om him te folgjen.

10 It barde in kear, hy lei yn 'e hûs oan tafel, en sjudêr, allegearre tolgarders en sûndige minsken kamen om mei Jezus en syn learlingen te iten. 11 De Fariseeërs seagen dat en sprutsen syn learlingen derop oan: 'Wêrom leit jimme master mei de tolgarders en sûndige minsken te iten?' 12 Mar doe't er dat hearde, sei er: 'Minsken dy't har rêde kinne, hawwe gjin ferlet fan in dokter, mar dy't net goed binne. 13 Gean hjirwei en betink dan wat it betsjut: Begrutsjen wol ik, en net in offer. Want ik bin net kommen om rjochtfeardige minsken te roppen, mar sûndige minsken.'

14 Dêrnei kamen de learlingen fan Jehannes by him mei de fraach: 'Wêrom fêstje wy, en de Fariseeërs ek, mar fêstje jo learlingen net?' 15 Jezus sei tsjin har: 'Kinne de brulloftsgongers soms yn 'e rou wêze salang't de breugeman by har is? Mar der sille dagen komme dat de breugeman by har wei helle wurdt, en dan sille se fêstje. 16 Net ien set ek in ûnbewosken opsetstik op in âlde mantel, want dat lûkt wat it tichtmakket just los fan 'e mantel, en der komt in slimmere skuor yn. 17 De lju dogge ek gjin jonge wyn yn âlde sekken, want oars dan skuorre de sekken en de wyn rint derút en de sekken kinne wol fuort. Mar jonge wyn dogge se yn nije sekken, en dan bliuwe se beide goed.'

18 Doe't er dêrmei noch tsjin har oan it wurd wie, sjoch, dêr kaam in bestjoerder en dy lei foar him op knibbels en sei: 'Myn famke is krekt ferstoarn. Mar kom mei en lis har de hân op, en dan sil se wer libje.' 19 En Jezus gie oerein om mei him, en syn learlingen ek.

20 En sjudêr, in frou dy't al tolve jier bloedfloede, kaam fan efteren by him om syn mantelkwaste beet te pakken. 21 Want se hie harsels hieltyd foarholden: 'As ik inkeld syn mantel mar oanreitsje, dan bin ik derôf.' 22 Mar Jezus, dy't him omdraaide en de frou seach, sei: 'Moed hâlde, fanke, dyn betrouwen is dyn rêding.' En de frou rekke de kwaal kwyt, fan dat stuit ôf.

23 Doe't Jezus dan by it hûs fan 'e bestjoerder kaam en de fluitspylders seach en de rouploech te jammerjen, 24 sei er oars net as: 'Gean hjir no wei, want it bern is net stoarn, mar leit te sliepen.' En elk lake him mar út. 25 Mar doe't de rouploech der ien kear út smiten wie, gie er deryn en griep har hân, en it famke waard wer yn it libben roppen. 26 En dy stoarje bedarre yn dy hiele krite.

27 Jezus gie dêr no wer wei en twa bline mannen folgen him. Dy rôpen lûd: 'Haw begrutsjen mei ús, soan fan David.' 28 Doe't er yn 'e hûs gien wie, kamen de blinen by him. Doe sei Jezus fan syn kant tsjin har: 'Betrouwe jimme derop dat ik dat dwaan kin?' Har antwurd wie: 'Ja, Hear.' 29 Doe rekke er har eagen oan mei de wurden: 'Neffens jimme betrouwen sil it foar jimme komme.' 30 En de eagen waarden har iepen dien. En Jezus druide it har yn: 'Tink der goed om, net ien mei dit oan 'e weet komme.' 31 Mar se giene derút en diene de stoarje yn dy hiele krite.

32 Wylst dy derút giene, sjoch, dêr brochten se him in dôfstomme man mei in kweageast. 33 En doe't de kweageast útdreaun wurden wie, begûn de dôfstomme te praten. De grutte kliber ferwûndere him, mei it sizzen: 'Net ien kear hawwe wy it yn Israel sa meimakke.' 34 Mar de Fariseeërs hiene praat fan: 'Mei de macht fan it haad fan 'e kweageasten driuwt er de kweageasten út.'

35 En Jezus gie alle stêden en de doarpen yn 't rûn, wylst er Gods regels útlei yn har synagogen en it bliid boadskip preke fan Gods hearskippij en omtinken joech oan alle sykten en alle krupsjes. 36 By it sjen fan al dy minsken gie it him om har oan, want se wiene tamtearre en telider slein, lykas skiep dy't gjin hoeder hawwe. 37 Dat wie it stuit dat er tsjin syn learlingen

sei: 'Der is gâns te rispijen, mar de arbeiders binne minmachtich. 38 Freegje dus de opdrachtjouwer fan 'e rispinge, dat er dêr arbeiders foar stjoert.'

## Haadstik 10

1 Hy rôp syn tolve learlingen by him en joech har macht oer ûnreine geasten, dat se dy útdriuwe koene en omtinken jaan oan alle sykten en alle krupsjes. 2 Dit binne de nammen fan 'e tolve boaden: earst Simon dy't fan Petrus hjitte en Andréas, dy syn broer, en Jakobus, de soan fan Sebedéus, en Jehannes, dy syn broer, 3 Filippus en Bartoloméus, Tomas en Mattéus de tolgarder, Jakobus, de soan fan Alféus, en Taddéus, 4 Simon de Kananeeër en Judas Iskariot, dy't him ek ferret hat.

5 Dy tolve stjoerde Jezus derop út, neidat er har dit meijûn hie: 'Net it paad nei de heidenfolken ynslaan en net yn in stêd fan Samaritanen komme! 6 Nee, jimme moatte op wei nei de ferlerne skiep fan it hûs Israel. 7 En ûnderweis moatte jimme hieltyd bekend meitsje: de hearskippij fan 'e himel is tichtby! 8 Jimme moatte dy't swak binne omtinken jaan, de deaden wer yn it libben roppe, guon mei hûdsykte wer skjûn meitsje, kweageasten útdriuwe. Fergees hawwe jimme krige, jou dan ek fergees. 9 Jimme hoege gjin goud, sels gjin sulver, sels gjin koper oan 'e mulriem te hawwen, 10 gjin reispak en sels gjin twa himden, noch gjin skuon en noch gjin stôk. De arbeider is de kost ommers wol wurdich. 11 Wêr't jimme mar yn in doarp of stêd komme, sykje dêr út wa't in gaadlikenien is en bliuw dêr dan oant jimme dêr wer wei geane. 12 Wannear't jimme dêr yn 'e hûs komme, begroetsje dan it hûs. 13 As it hûs dat wurdich is, dan sil jimme frede dêrop rêste. Mar as it dat net wurdich is, dan sil jimme frede by jimme weromkomme. 14 En as ien jimme net opnimt of de lju wolle net nei jimme wurden harkje, gean dan bûten dat hûs of dy stêd en skodzje it stof oan jimme fuotten ôf. 15 Jawier, ik sis jimme, it wurdt foar de krite fan Sodom en Gomorra noflikker op 'e rjochtdei as foar dy stêd.

16 Sjoch, ik bin it dy't jimme stjoer, as skiep middenmank wolven. Jimme moatte dus sa snoad as de slangen wurde en sa iepen as de downen. 17 En jimme moatte foar de minsken útsjen, want dy sille jimme oerjaan oan rjochtbanken en jimme yn harren synagogen mei de swipe jaan. 18 Ja, jimme sille foar steedhâlders en keningen brocht wurde om my, dat hja en de heidens der mar fan witte. 19 Mar wannear't se jimme oerjouwe, jimme hoege net oer jimme sprekken yn te sitten hoe of het, want op dat stuit sille jimme de wurden jûn wurde om te sprekken. 20 Jimme binne it ommers net dy't sprekke, mar de Geast fan jimme Heit is it dy't troch jimme sprekt.

21 De iene broer sil de oare ta de dea oerjaan en in heit syn bern, en bern sille tsjin har âlden yn opstân komme en harren deadwaan. 22 En elk sil tsjin jimme wêze om myn namme, mar dy't it oan 'e ein ta folhâldt, dyselde sil rêden wurde. 23 En alle kearen dat se jimme op 'e hûd sitte yn 'e iene stêd, moatte jimme wer flechtsje nei de folgjende. Want jawier, ik sis jimme: jimme binne alle stêden fan Israel net bylâns eardat de Minskesoan komt. 24 De learling stiet net boppe syn master en de slaaf net boppe syn hear. 25 It is de learling genôch dat er as syn master wurdt, en de slaaf as syn hear. As se de hear fan it hûs útskelle foar Beëlzebul, hoefolle slimmer syn hûsfolk!

26 Dat jimme hoege net bang fan harren te wêzen. Neat is ommers bedutsen, dat net ûntdutsen wurde sil, en neat geheim, dat net bekend wurde sil. 27 Wat ik jimme yn it tsjuster sis, sis dat mar yn it ljocht, en wat jimme jimme yn 't ear flûsterjen hearre, preekje dat mar fan 'e dakken. 28 En jimme moatte net bang wêze fan dy't it lichem wol wakker deadzje mar de siel net deameitsje kinne, mar jimme kinne better bang wêze fan dy't siel likegoed as lichem ferneatigje kin yn 'e helle. 29 Binne twa mosken net foar in stoer te keap? En ien dêrfan sil noch net op 'e grûn falle as jimme Heit dat net lije wol. 30 Mar jimme, hoefolle hieren oft jimme op 'e holle hawwe is sels fêstlein. 31 Dat wês mar net bang. In hiele swerm mosken kypje jimme noch boppenút.

32 Elkenien dus, dy't by de minsken iepen foar my útkomme sil, dyselde sil ik ek iepen foar útkomme by myn Heit yn 'e himel. 33 Mar as ien by de minsken seit dat er my net ken, dyselde sil ik by myn Heit yn 'e himel ek fan sizze dat ik him net ken.

34 Jimme hoege net te mienen, ik bin kommen om frede oer de ierde te fersprieden. Ik bin net kommen om frede te fersprieden, mar geweld. 35 Want ik bin kommen om in man by syn heit

wei te driuwen en in dochter by har mem en in breid by har skoanmem, 36 en ien syn fijannen, dat wurde syn húsgenoaten. 37 Ien dy't it mear mei heit of mem hâldt as mei my, is my net wurdich, en ien dy't it mear mei soan of dochter hâldt as mei my, is my net wurdich. 38 En dy't syn krúsbalke net oannimt en efter my oan komt, is my net wurdich. 39 Ien dy't it libben derôf rêdt, dy ferliest it, en dy't it libben ferliest om my, dy sil it derôf rêde.

40 Ien dy't jimme opnimt, nimt my op, en ien dy't my opnimt, nimt op dy't my stjoerd hat. 41 Ien dy't in profeet opnimt om it wurd 'profeet', dy kriget in profetelean, en ien dy't in rjochtfeardigienien opnimt om it wurd 'rjochtfeardich', dy kriget it lean fan in rjochtfeardigien. 42 En wa't mar ien fan al dy lytsen in kop kâld wetter te drinken jout allinnich om it wurd 'learling', jawier, ik sis jimme, dy sil syn lean net misrinne.'

## Haadstik 11

1 En it kaam sa, doe't Jezus klear wie mei it jaan fan oanwizings oan syn tolve learlingen, doe sette er dêrwei om yn harren stêden Gods regels út te lizzen en om te preekjen.

2 En Jehannes, dy't yn it tichthús fan it optreden fan 'e Kristus hearde, stjoerde boadskip fia syn learlingen 3 om him sizze te litten: 'Binne jo it, dy't komt, of ferwachtsje wy in oarenien?' 4 En Jezus antwurde har: 'Gean hinne en doch Jehannes berjocht fan wat jimme hearre en sjogge. 5 Blinen sjogge wer en ûngelokkigen rinne om, guon mei hûdsykte wurde skjien en dôven hearre, sels de deaden wurde wer yn it libben roppen en stumpers krije goed nijs te hearren. 6 Lokkich is dan deselde dy't it net yn 'e wei is hoe't ik doch.'

7 Doe't dy dat wer út wiene, begûn Jezus tsjin 'e omstanners oer Jehannes: 'Wat soene jimme besjen doe't jimme nei de wyldernis ta setten? Reid dat soeiket yn 'e wyn? 8 Nee, mar wat woene jimme dan sjen? In man dy't djoer yn 'e klean is? Sjoch, lju dy't djoere klean drage, wenje yn paleizen. 9 Wat woene jimme dan sjen? In profeet? Ja, sis ik jim, en ien dy't boppe in profeet út gie. 10 Hy is it oer wa't der stiet:

Sjoch, Ik stjoer myn boade foar dy út,  
dy't it paad foar dy reemeitsje sil.

11 Jawier, ik sis jimme: der bestiet gjin gruttere minske mei in ropping as Jehannes de Doper. Mar as it oangiet mei Gods hearskippij, is in hiele gewoanenien noch grutter as him. 12 Fan 'e tiid fan Jehannes de Doper oant dy fan no batst de hearskippij fan 'e himel deryn en guon dy't deryn batse dogge der in wraam op. 13 Want alle profeten en de wet hawwe profetearre oant Jehannes. 14 En as jimme it oannimme wolle, hy is sels Elia dy't komme soe. 15 Dy't earen hat, dy moat harkje.

16 Wêr moat ik dit laach mei ferlykje? It binne krekt bern op it plein, dy't tsjin 'e oaren roppe 17 fan: Wy spilen op 'e fluit en jimme dûnsen net! Wy rouklagen en jimme diene net mei! 18 Ommers, Jehannes is kommen, ien dy't iet noch dronk, en se sizze: Dy hat in kweageast. 19 De Minskesoan is kommen, ien dy't yt en drinkt, en se sizze: Sjoch dy man, in frethals en in wynsûper, ien dy't it hâldt mei tolgarders en sûnders. En wat wysheid wie, hat wol bliken dien!'

20 Fan dat stuit ôf begûn er de stêden út te seggen dêr't de measte fan syn machtige dieden bard wiene, omdat se har net feroare hiene: 21 'Wee dy, Choarazin! Wee dy, Betsaïda! Want as yn Tyrus en Sidon de machtige dieden bard wiene dy't by jimme bard binne, dan hiene se har dêr allang feroare, yn sekken en jiske. 22 Lykwols, ik wik jim, foar Tyrus en Sidon wurdt it op 'e rjochtdi nolfliker as foar jimme. 23 En do, Kafarnaüm, miendesto, soest oant yn 'e himel ferhege wurde? Kinst noch wolris oant yn 'e ûnderwrâld delsakje! Want as yn Sodom de machtige dieden bard wiene dy't by dy bard binne, dan wie it der oan hjoed ta bleaun. 24 Lykwols, ik wik jim, foar de krite fan Sodom wurdt it op 'e rjochtdi nolfliker as foar dy.'

25 Yn dy tiid naam Jezus it wurd en sei: 'Ik loovje jo, Heit, Hear fan himel en ierde, omdat jo dizze dingen foar wizen en tûke lju ferburgen hawwe en oan ienfâldigen bekend makke. 26 Ja, sa is it, Heit, omdat jo it sa hawwe woene.

27 Alles is my oerjûn troch myn Heit, en net ien komt de Soan te kennen útsein de Heit, en

de Heit komt ek net ien te kennen útsein de Soan, en oan wa't de Soan him mar bekend meitsje wol.

28 Kom hjir mar, by my, allegearre dy't wrotte moatte en in lêst drage, dan jou ik jimme dêr rêst fan. 29 Nim myn jok op jimme en dan sille jimme útfine dat ik sêft bin en in myld hert haw, en dan krije jimme rêst foar jimme sielen. 30 Want myn jok sit maklik en myn lêst is mar licht.'

## Haadstik 12

1 Yn dy tiid wie Jezus op sabbat ûnderweis troch de nôtfjilden. En syn learlingen krigen honger en begûnen ieren ôf te lûken en te iten. 2 Doe't de Fariseeërs dat seagen, seine se tsjin him: 'Sjoch, jo learlingen dogge wat op sabbat net mei!' 3 Hy sei tsjin har: 'Hawwe jimme net lêzen wat David die, doe't hy en syn maten honger krigen, 4 hoe't er it hûs fan God yn gie en hoe't se de bôlen opieten dy't útstald wiene? Dat mocht er net dwaan en syn maten ek net, allinnich de prysters. 5 Of hawwe jimme net lêzen yn 'e wet, dat op sabbat de prysters yn 'e timpel de sabbat skeine, en dat se gjin skuld drage? 6 Mar ik sil jimme sizze: Hjir is wat grutters as de timpel. 7 As jimme mar troch hiene wat dit betsjut: 'Begrutsjen wol Ik, en net in offer,' dan hiene jimme gjin feroardieling útsprutsen tsjin dy't gjin skuld drage. 8 De Minskesoan is ommers hear oer de sabbat.'

9 Hy sette dêr wer wei om nei har synagoge ta. 10 En sjoch, dêr wie in man mei in ferwoeksen earm. En se ûnderstiene him mei de wurden: 'Mei men op sabbat soarch jaan?' dat se him beskuldigje koene. 11 Mar Hy sei tsjin har: 'Wa fan jimme is de man dy't in skiep hat en dat falt op sabbat yn 'e put, dy't dat net gripe sil en derút skuorre? 12 No, hoefolle stekt in minske net boppe in skiep út! Dat sadwaande mei men op sabbat goeddwaan.' 13 Tsjin 'e man sei er: 'Stek dyn earm út!' En hy stiek dy út en dy waard wer krekt like sûn makke as de oare.

14 De Fariseeërs giene derút om him oangeande oerlis te hâlden, hoe't se him kwytretsje koene. 15 Mar omdat Jezus it trochhie, sette er dêrwei. En in protte folgen him, en hy stie noed fan allegearre, 16 en hy lies har it leksum, dat se him net yn 'e iepenbierheid bringe moasten, 17 dat útkaam wat troch de profet Jesaja sein wie:

Sjoch, myn jonge dy't ik útkeazen haw,  
myn leafste dêr't ik wiis mei bin.  
Myn Geast sil ik op him pleatse  
en hy sil de heidenfolken berjocht dwaan fan 'e rjochtdei.  
19 Hy sil net hottefylje of roppe en raze  
en op 'e pleinen sil net ien syn lûd hearre.  
20 In kniesde reidstâl sil er net ôfbrekke,  
en in rikjende flaakspit net útblaze,  
oant er de rjochtdei útroppen hat om it pleit te winnen.  
21 En heidenfolken sille troch syn namme hope krije.

18 Doe waard der ien mei in kweageast by him brocht, blyn en stom, en dy joech er omtinken, dat de stomme koe wer prate en sjen. 23 En de hiele kliber wie fan 't sintrum en sei: 'Is dy dêr soms de Soan fan David?' 24 Mar doe't de Fariseeërs dat hearden, seine dy: 'Dy dêr driuwt de kweageasten allinnich mar út mei de macht fan Beëlzebul, it haad fan 'e kweageasten.' 25 Mar omdat Jezus wist wat se har yn 'e holle hellen, sei er tsjin har: 'Elke hearskippij dêr't de hearskers it net mei-inoar iens binne, bliuwt neat fan oer, en elke stêd of elk hûs dêr't se it net mei-inoar iens binne, sil nea wat wurde. 26 As de satan no ek de satan útdriuwt, dan is er it net mei himsels iens. Dat hoe sil syn hearskippij dan wat wurde? 27 En as ik mei de macht fan Beëlzebul de kweageasten útdriu, wêrmei binne jimme minsken dan oan it útdriuwen? Dat dan sille dy jimme rjochters wêze. 28 Mar as ik mei Gods Geast de kweageasten útdriu, no, dan is de hearskippij fan God jimme ûntkommen! 29 Hoe kin ien oars by dy sterke keardel yn 'e hûs gean en syn dingen derút skuorre, as er earst dy sterke keardel net fêstbûn hat? Dan pas skuort er syn hûs oeral.

30 Dy't net oan myn kant stiet, is tsjin my, en dy't net mei my byinoar bringt, dy jaget útinoar. 31 Dêrom sis ik jimme: alle sûnde en gekoanstekken sil de minsken ferjûn wurde, mar de

Geast de gek oanstekke, dat wurdt net ferjûn. 32 En dy't wat ferkeards seit fan 'e Minskesoan, it sil him ferjûn wurde, mar dy't wat ferkeards fan 'e hillige Geast seit, it sil him yn dit tiidrek noch yn it kommende net ferjûn wurde. 33 Neam de beam bêst, en dan de frucht ek, of neam de beam ferkeard en dan de frucht ek. De frucht ken men ommers de beam oan.

34 Njirrebrod, hoe kinne jimme wat goeds sizze sa min as jimme binne? De oerfloed fan it hert hat de mûle it ommers oer. 35 In goedenien bringt út syn goede foarried ek goede dingen foar 't ljocht, en in minnenien bringt út syn minne foarried minne dingen foar 't ljocht. 36 Mar ik wik jimme: elke sleauwe útspraak dy't de lju dogge, dêroer sille se op 'e rjochtdei ferantwurdig ôflizze. 37 Want op grûn fan dyn wurden silsto frijsprutsen wurde, en op grûn fan dyn wurden silsto feroardiele wurde.'

38 Doe reagearren guon fan 'e wetgelearden en Fariseeërs op him mei de wurden: 'Master, wy wolle fan jo in teken sjen.' 39 Mar hy antwurde har: 'In ferkeard en ûntrou skaai freget om in teken, mar in teken kriget it net, of it moat it teken wêze fan 'e profeet Joana. 40 Want sa't Joana yn it liif fan 'e walfisk west hat, trije dagen en trije nachten, sa sil de Minskesoan yn it binnenst fan 'e ierde wêze, trije dagen en trije nachten. 41 De mannen fan Ninevee sille op 'e rjochtdei tagelyk mei dat skaai ferrize, en se sille it ta de feroardieling bringe, want se hawwe har feroare op Joana syn preekjen – en sjoch, hjir is mear as Joana. 42 De keninginne fan it Suden sil op 'e rjochtdei wer yn it libben roppen wurde tagelyk mei dat skaai, en se sil it ta de feroardieling bringe, want se is fan wrâlds úteinen kommen om de wysheid fan Salomo oan te hearren – en sjoch, hjir is mear as Salomo.'

43 Alle kearen dat in ûnreine geast út in minske wei giet, komt er troch toarre oarden, op syk nei in hinnekommen, en dat kin er net fine. 44 Dan seit er: Ik sil werom nei myn hûs, dêr't ik wei gien bin. En as er dêr komt, fynt er it sûnder bewenner, himmele en kreas bywurke. 45 Dan giet er hinne en nimt er sân oare geasten mei ta selskip, noch ferkearderen as himsels, en dy geane deryn om dêr tenei te wenjen. En dy man syn útein wurdt slimmer as hoe't er earst wie. Sa komt it ek mei dat ferkearde skaai.'

46 Wylst er de ploech noch taspriek, sjoch, syn mem en bruorren stiene bûtendoar, want se besochten om him te wurd. 47 En der sei ien tsjin him: 'Sjoch, jo mem en jo bruorren steane bûtendoar, want se besykje om jo te wurd.' 48 Mar dy't dat tsjin him sei joech er dit antwurd: 'Wa is myn mem en wa binne myn bruorren?' 49 En mei de hân nei syn learlingen wizend seid er: 'Sjedêr myn mem en myn bruorren! 50 Want wa't de wil mar docht fan myn Heit yn 'e himel, dyselde is myn broer en suster en mem.'

### Haadstik 13

1 Krekt dy deis gie Jezus út 'e hûs en hy siet in skoft (hold sitting??) by de mar. 2 En grutte groepen sammelen har by him, dat hy gie in boatsje yn om dêr te sitten, en de hiele ploech bleau op it strân stean.

3 Hy fertelde har in protte yn gelikenissen. Hy sei: 'Sjoch, dêr gie de siedder út siedzjen. 4 Under it siedzjen foel it iene neist it paad, en de fûgels kamen om it op te fretten. 5 In oar part foel op 'e stiennige stikken dêr't it net folle grûn hie, en it skeat fuortendaliks omheech, fanwegen it hie gjin djippte fan grûn. 6 Mar doe't de sinne heger kaam, waard it te hjit en mei't it gjin woartel hie, drûge it út. 7 Wer in oar part foel by de stikels, en de stikels woeksen en lieten it smoare. 8 En noch in oar part foel op 'e bêste grûn en dat sette frucht: it iene hûndertfâldich, it oare sechstich, wer oar tritich. 9 Dy't earen hat, dy moat harkje.'

10 En de learlingen, dy't by him kamen, seine: 'Wêrom sprekke jo se yn gelikenissen ta?' Hy antwurde har: 'Omdat it jimme rol is om de geheimen fan Gods hearskippij te begripen, en dy oaren harres net. 12 Want dy't wat hat, dy kriget derby en dy sil oer hawwe, mar dy't net wat hat, sels wat er hat sil him ôfkrige wurde. 13 Dat sadwaande sprek ik se yn gelikenissen ta, want se sjogge wol, mar sjogge it net, en se hearre wol, mar hearre it net en krije it net foar 't ferstân, 14 en Jesaja syn profesij komt folslein út by har, dy't seit:

Jimme sille wakker harkje en dochts sille jimme it net troch hawwe,  
en jimme sille wakker mikerje en dochts neat sjen,  
15 Want it hert fan dat folk is ferstoppe,  
en mei de earen hawwe se mar kwealik heard  
en de eagen hawwe se tichtknypt,  
om mei de eagen neat te sjen  
en mei de earen neat te hearren  
en mei it hert neat te begripen  
en dat se har net omkeare en ik har better meitsje sil.

16 Mar jimme, lokkich binne jimme eagen dat se it sjogge en jimme earen dat se it hearre. 17 Want jawier, ik sis jimme: gâns profeten en rjochtfeardigen hawwe langst hân om te sjen wat jimme sjogge en hawwe it net sjoen, en om te hearren wat jimme hearre en se hawwe it net heard.

18 Dat, hear de gelikenis fan 'e man dy't siedde, jimme. 19 Elk dy't it boadskip fan Gods hearskippij wol heart, mar it net foar 't ferstân hat: de kweade komt en skuort derwei wat der yn dy syn hert leit. Dat is it wurd dat neist it paad siedde is. 20 En it wurd dat op 'e stiennige stikken siedde is, dat is deselde dy't it wurd heart en it fuortendaliks mei freugde oannimt, 21 mar hy is sels net bewoartele en is mar in man fan eefkes, en as der benearing of ferfolging komt om it wurd, is it him fuort yn 'e wei. 22 En it wurd dat yn 'e stikels siedde is, dat is deselde dy't it wurd heart, en de noeden fan 'e tiid en de ferlieding fan 'e rykdom smoare it wurd en hy wurdt fruchteleas. 23 Mar it wurd dat op 'e bêste grûn siedde is, dat is deselde dy't it wurd heart en it foar 't ferstân hat, dy't dan ek fruchtdraacht en wat opringt: de iene hûndertfâldich, in oaren sechstich, en wer in oaren tritich.'

24 In oare gelikenis joech er harren mei: 'De hearskippij fan God is krekt as de man dy't bêst sied yn syn boulân siedde hie. 25 Doe't de lju leine te sliepen, wie syn fijân kommen en hie der dollemansgerzen by siedde, midden tusken de weet, en wie wer fuortgien. 26 Doe't it nôt begûn út te spruten en frucht te setten, doe oppenearren har de dollemansgerzen. 27 En de slaven kamen by de boer en seine tsjin him: "Boer, hiene jo net bêst sied yn jo boulân siedde? Hoe kin it dan dat dêr dollemansgerzen steane?" 28 Hy sei tsjin har: "Ien dy't wat tsjin my hat, hat dat dien." Mar de slaven wer tsjin him: "Wolle jo dan dat wy hinnegeane en it byinoar sykje?" 29 Mar hy sei: "Nee, dan soene jimme as 't treft by it byinoar sykjen fan 'e dollemansgerzen tagelyk de weet út 'e grûn skuorre. 30 Lit it beide mar útwaakse oan 'e rispinge ta, en as it risperstiid is, sis ik tsjin 'e rispers: Sykje earst de dollemansgerzen byinoar en bebyn dy yn bosken om se te ferbrânen, en dan kinne jimme de weet byinoar bringe yn myn opslach.

31 Noch in oare gelikenis joech er har mei: 'De hearskippij fan God is krekt as in mostersiedsje, dat in man krige en yn syn bou siedde. 32 It is wol fynder as alle siedsjes, mar as it ien kear opwaakst, is it grutter as alle grienten en wurdt it in beam, dat de fûgels oanfleanen komme en nêsten meitsje yn syn tûken.'

33 Noch in oare gelikenis fertelde er har: 'De hearskippij fan God is krekt as soerdaai, dat in frou krige en ferarbeide yn trije mjitten wytmoal, oant it hielendal trochsuoerre wie.'

34 Al dy dingen fertelde Jezus de grutte kliber yn gelikenis en sûnder gelikenis fertelde er harren neat, 35 dat útkaam wat sein wie troch de profeet:

Ik sil sprekke yn gelikenis,  
Ik sil útbringe wat fan it begjin ôf ferburgen wie.

36 Doe liet er de hiele ploech dêr bliuwe en gie op hûs yn. En syn learlingen kamen by him en seine: 'Lis ús dy gelikenis fan 'e dollemansgerzen op it boulân ris út.' 37 Jezus antwurde: 'Dy't dat bêste sied sieddet, is de Minskesoan, 38 it boulân is de wrâld, dat bêste sied, dat binne de fertsjintwurdigers fan Gods hearskippij, de dollemansgerzen binne de fertsjintwurdigers fan it ferkearde, 39 de fijân dy't se siedde hie, is de duvel, de rispinge is it ôfrinnen fan dit tiidrek, en de rispers binne ingels. 40 Dat, sa't de dollemansgerzen byinoar socht wurde en yn it fjoer opbrând wurde, sa komt it as dit tiidrek ôfrint. 41 De Minskesoan sil syn ingels derop útstjoere, en dy sykje

út syn keninkryk alle dwerslizzers en dy't om gjin regel jouwe 42 en dy smite se dan yn 'e fjoerûne. Dêr kin dan skriemd wurde en toskeknaarst. 43 Dêrnei sille de rjochtfeardigen skitterje as de sinne ûnder de hearskippij fan har Heit. Dy't earen hat, dy moat harkje.

44 De hearskippij fan God is krekt as dy ferburgen skat yn in stik lân, dy't ien fûn en wer fuortstoppe. Sa'n sin hat er deroan, hy giet hinne en ferkeapet alles wat er mar hat en keapet krekt dat stik lân.

45 Nochris, de hearskippij fan God is krekt as in keapman dy't om moaie pearls út wie. 46 Doe't er ien tige kostbere pearl fûn hie, gie er nei hûs om fan alles wat er mar hie de wearde oan jild te hawwen, en hy kocht him.

47 Nochris, de hearskippij fan God is krekt as in net dat yn 'e mar smiten waard en dat fan alderlei soarte byinoar fande. 48 Doe't it folrekke wie, sleepten se it op it strân en se namen plak om it moaie spul yn kuorren byinoar te dwaan, en it minne dêrbûten te smiten. 49 Sa komt it as dit tiidrek ôfrint. De ingels geane derop út en skiftsje de ferkearden tusken de rjochtfeardigen út 50 en smite se yn 'e fjoerûne. Dêr kin dan skriemd wurde en toskeknaarst.

51 Hawwe jimme dat allegearre begrepen?' Se seine tsjin him: 'Dat hawwe wy.' 52 En hy sei tsjin harren: 'Sadwaande is elke wetgelearde dy't by de hearskippij fan God yn 'e lear gien is krekt as in man, in húshear, dy't út syn foarried mar nij en âld foarbringt.'

53 En doe't it sa fier wie dat Jezus klear wie mei dy gelikenissen, sette er dêr wer wei. 54 Hy kaam yn syn berteplak en joech har dêr útlis fan Gods regels yn har synagoge, dat se wiene der hielendal ôf en seine oars net as: 'Wêr hat dy dêr dy wysheid en dy machtige dieden wei?' 55 Is dat net de timmerman syn soan? Hjit syn mem net fan Marije en syn bruorren fan Jakobus en Joazef en Simon en Judas? 56 En binne syn susters net allegearre mei guon fan ús troude? Wêr hat hij dat dan allegearre wei?' 57 Dat hy wie har mar yn 'e wei. Mar Jezus sei tsjin har: 'Gjin inkelde profeet giet fan respekt foarby, útsein yn syn bertestêd en by syn famylje.' 58 En hy die dêr net folle machtige dieden fanwegen har wantrouwen.

#### Haadstik 14

1 Yn dyselde tiid hearde Heroades de fjouwerfoarst it praat oer Jezus, 2 en hy sei tsjin syn feinten: 'Dat is Jehannes de Doper! Hysels is út 'e dea weromroppen en sadwaande wurkje dy machtige dieden yn him!'

3 Heroades hie nammentlik Jehannes oppakke litten om him yn 'e boeiens te slaan, en hie him opsletten yn 'e finzenis om Heroadias, de frou fan syn broer Filippus. 4 Want Jehannes sei hieltyd tsjin him: 'Jo meie har net hawwe.' 5 En al woe er him deameitsje, hy wie bang fan 'e grutte kliber, omdat dy him foar in profeet hold. 6 Mar doe't it in kear Heroades syn jierdei wie, dúnse de dochter fan Heroadias yn it fermidden en dat stie Heroades wakker oan, 7 dat hy sei mei in eed ta om har te jaan, wat se mar freegje soe. 8 En hja, opstokele troch har mem: 'Jou my,' sei se, 'hjir op in panne de holle fan Jehannes de Doper.' 9 En al muoide it de kening tige, om syn eden en om de feestgenoaten joech er befel om dy oan har te jaan, 10 en hy stjoerde ien om Jehannes yn 'e finzenis de holle ôf te slaan. 11 En syn holle waard brocht op in panne en oan it fanke jûn, en se brocht dy nei har mem. 12 En Jehannes syn learlingen kamen om it lyk mei te nimmen en it te begraven, en se giene mei it berjocht nei Jezus.

13 Doe't Jezus dat heard hie, sette er dêr wer wei, allinnich mei himsels yn in skip nei in iensum plak. Doe't de kloften dat hearden, folgen se him oer lân út 'e stêden wei. 14 Doe't hy wer fan board gie, seach er in grutte kliber en it begrutte him om harren en hy joech de siken ûnder harren omtinken.

15 Doe't it al let op 'e jûn wie, kamen de learlingen by him mei de wurden: 'It is hjir iensum en it is al let wurden. Stjoer de kliber fuort, dat se nei de doarpen ta geane om iterij te keapjen.' 16 Mar hy sei tsjin harren: 'Se hoege net fuort: jou jimme se te iten!' Hja seine wer tsjin him: 'Wy hawwe hjir oars net as fiif bôlen en twa fiskjes.' 18 Hy sei: 'Dan moatte jimme dy hjir mar bringe.' 19 Hy joech de hiele kloft opdracht om yn it gers lizzen te gean, naam de fiif bôlen en de beide fisken, en sloech de eagen nei de himel. Neidat er tanke hie, joech er de bôle oan 'e

learlingen, en de learlingen wer oan 'e kloften. 20 En se ieten allegearre en se rekken sêd, en se namen mei wat der oer wie fan 'e stikken, tolve kuorfolen. 21 Dy't iten hiene, wiene sa'n fiiftûzen man, froulju en bern net meirekkene.

22 En fuortendaliks moasten de learlingen fan him oan board fan 't skip gean en alfêst foar him út nei de oare kant ta farre, dat hy wilens de kliber fuortstjoere soe. 23 Doe't er de kloften fuortstjoerd hie, gie er de berch op, om mei himsels allinnich te bidden. En doe't it al let yn 'e jûn wie, wie er dêr as iennichste. 24 It skip wie wilens al gâns hûnderten meters fan 'e wâl ôf, en dêrby hie it frijwat te lijen fan 'e weagen, want de wyn wie ferkeard. 25 En yn 'e fjirde wacht fan 'e nacht kaam er by har, kuierjend oer de mar. 26 Mar doe't de learlingen him op 'e mar oankuierjen seagen, stiene se it net en seine: 'It is in spoek', en fan benaudens raasden se it út. 27 Fuortendaliks spruts er har ta: 'Stil mar, ik bin it, wês mar net bang!' 28 En Petrus antwurde him: 'Hear, as jo it binne, jou dan befel dat ik oer it wetter by jo kom.' 29 En hy sei: 'Kom!' En neidat er fan 't skip ôf stapt wie, kuiere Petrus oer it wetter en kaam er by Jezus. 30 Mar doe't er nei de wyn seach, waard er bang, en omdat er begûn te sinken raasde er it út: 'Hear, rêd my!' 31 Daliks stuts Jezus de hân út om him fêst te pakken. Dêrop sei er tsjin him: 'Do mei dyn bytsje betrouwen, wêrom begûnst te twiveljen?' 32 Doe't se op it skip stapt wiene, gie de wyn lizzen. 33 En de mannen yn it skip foelen foar him op knibbels en seine: 'Jo binne wier de soan fan God.'

34 Doe't se oerstutsen wiene, kamen se yn Gennésaret oan wâl. 35 En doe't de manlju fan dat plak seagen wa't er wie, stjoerden se berjocht nei de hiele omkriten dêre en de lju brochten elk dy't net goed wie by him. 36 Dy smeechten him dat se inkeld de kwaste fan syn mantel beetkrije mochten. En allegearre dy't dy beet krigen, waarden sûn.

## Haadstik 15

1 Doe kamen der út Jeruzalem Fariseeërs en wetgelearden by Jezus, mei it sizzen: 2 'Wêrom hâlde jo learlingen har net oan 'e oerlevering fan ús foarâlden? Se hanwaskje ommers net iens wannear't se ite!' 3 Hy antwurde har: 'Wêrom hâlde jimme jimme sels net oan it gebod fan God troch jimme oerlevering? 4 God hat ommers sein: Moatst dyn heit en dyn mem yn eare hâlde, en: Dy't syn heit of mem ferflokt, moat deadien wurde. 5 Mar jimme sizze: Dy't tsjin syn heit of syn mem seit: "Dêr't ik heit of mem mei helpe koe, dat offerje ik" – 6 dy hoecht syn heit net yn eare te hâlden, en jimme hawwe mei jimme oerlevering it wurd fan God bûten wurking steld. 7 Toanielspylders dy't jimme binne, Jesaja hat mar goed oer jimme profetearre:

8 Dat folk jout my eare mei de lippen,  
mar har hert is fier fan my ôf.

9 It jout neat, dat se my ferearje,  
in lear te learen dat minskegeboadens binne.'

10 Hy rôp de omstanners by him en sei tsjin har: 'Dit moatte jimme hearre en goed foar 't ferstân hawwe: 11 net wat ta de mûle yn giet, mar wat syn paad ta de mûle út fynt, dat makket in minske smoarch.'

12 Doe kamen de learlingen by him en seine: 'Witte jo wol, dat dat sizzen de Fariseeërs slim yn 'e wei wie, doe't se it hearden?' 13 Hy antwurde: 'Alle planten dy't myn Himmelheit net plante hat, wurde út 'e grûn skuord. 14 Lit se gewurde. It binne bline paadwizers, en sil de bline de bline liede, dan falle se beide yn in kûle.'

15 Doe sei Petrus wer tsjin him: 'Ferklearje ús dy gelikenis.' 16 Hy sei: 'Binne sels jimme noch altiten sokke ûnferstannen? 17 Beseffe jimme net dat alles wat syn paad ta de mûle yn fynt yn it liif bedarret en der op it húske út smiten wurdt? 18 Mar de dingen dy't har paad ta de mûle út fine, komme út it hert wei, en dy dingen fersmoargje in minske. 19 Ut it hert komme ommers ferkearde betinksels, moarderij, frjemdgean, huorkerij, stelderij, sabeare tsjûgenissen, spotterij. 20 Dat binne de dingen dy't in minske smoarch meitsje, mar sûnder hanwaskjen te iten, dat makket in minske net smoarch.'


21 En neidat Jezus dêrwei gien wie, sette er nei de kusten fan Tyrus en Sidon. 22 En sjudêr, in Kanaänityske frou út dy kontreien kaam nei bûten ta en stie dêr te roppen en te razen: 'Haw begrutsjen mei my, Hear, Soan fan David. Myn dochter hat slim lêst fan in kweageast.' 23 Mar hy sei gjin wurd tsjin har werom. De learlingen kamen der ek by. Dy fregen him wakker: 'Stjoer har fuort, hieltyd efter ús oan te razen.' 24 Mar hy antwurde: 'Ik bin oars net útstjoerd as om de ferlerne skiep fan it hûs Israel.' 25 Mar hja kaam en lei foar him op knibbels mei de wurden: 'Hear, jo moatte my helpe.' 26 Mar hy antwurde: 'It heart sa net om de bern de bôle ôf te krijen en dy de hûnen foar te smiten.' 27 Mar hja sei: 'Sa is 't, Hear, mar de hûnen frette fan 'e kromkes dy't by har bazen fan 'e tafel ôf falle.' 28 Doe antwurde Jezus har: 'Frou, grut is jo betrouwen! It sil sa foar jo komme as dat jo wolle.' En har dochter waard fan dat stuit ôf wer better.

29 Doe't er dêr wer wei gien wie, kaam er oan 'e mar fan Galiléa, en doe't er de berch op gien wie, siet er dêr in skoft. 30 En der kamen hiele kloften by him, dy't kreupelen, blinen, fergroeiden, dôfstommen en gâns oaren by har hiene, en dy leine se oan syn fuotten, en hy joech se dan omtinken. 31 Dat al dat folk ferwûndere him, omdat se dôfstommen praten seagen, fergroeiden sûn en goed en kreupelen omkuierjen en blinen sjen, en se ferhearliken de God fan Israel.

32 Jezus rôp syn learlingen by him om te sizzen: 'It giet my oan it hert om al dat folk, want se bliuwe no al trije dagen by my en se hawwe neat te iten. En mei de lege mage fuortstjoere wol 'k se net, oars bejout har de lea noch ûnderweis.' 33 De learlingen seine dêrop tsjin him: 'Wêr helje wy yn 'e iensumheid safolle bôlen wei, om sa'n ploech sêd te krijen?' 34 Jezus sei wer tsjin har: 'Hoefolle bôlen hawwe jim?' Se seine: 'Sân, en noch in pear lytse fiskjes.' 35 En neidat er de kliber hjitten hie om har op 'e grûn del te jaan, 36 naam er de sân bôlen en de fiskjes, en nei it tankgebed

bruts er dy. En hy joech mar oan 'e learlingen en de learlingen oan 'e kloften. 37 En se krigen  
allegearre en se rekken sêd. En wat der oer wie fan 'e stikken namen se mei, sân fiskkuorren fol. 38  
En dy't iten hiene, wiene fjouwertûzen man, froulju en bern net meirekkene.

39 Neidat er de minsken fuortstjoerd hie, gie er oan board en kaam er yn 'e kontrei fan  
Magadan.



## Haadstik 16

1 En de Fariseeërs en Sadduseeërs kamen by him om him hifkjendewei te freegjen om harren in teken út 'e himel sjen te litten. 2 Mar hy antwurde har: 'Jûns let sizze jim: Moai waar, want de loft is read.' 3 En moarns: 'Stoarm hjoed, want de loft is raar read.' Hoe't de loft him oansjen lit kinne jimme wakker ûnderskiede, mar mei de tekens fan 'e tiden kinne jimme dat net. 4 In ferkeard en ûntrou skaai freget om in teken, mar in teken kriiget it net, of it moat it teken wêze fan Joana.' En hy gie by harren wei om fuort.

5 Doe't de learlingen wer oan 'e oare kant kamen, wie it har troch 't sin gien om bôlen mei te nimmen. 6 No hie Jezus tsjin har sein: 'Jimme moatte der al om tinke dat jimme by it soerdaai fan 'e Fariseeërs en Sadduseeërs wei bliuwe.' 7 Dat se redendielden ûnderinoar fan: 'No hawwe wy gjin bôlen meinommen.'

8 Doe't Jezus dat fernaam, sei er: 'Wat dogge jimme ûnderinoar te redendielen, mei jimme bytsje betrouwen, dat jimme gjin bôlen hawwe?' 9 Hawwe jimme it no noch net foar 't ferstân, en ferjitte jimme de fiif bôlen fan 'e fiiftûzen en hoefolle kuorfolen oft jimme meinommen hawwe? 10 En ek de sân bôlen fan 'e fjouwertûzen en hoefolle fiskkuorren oft jimme meinommen hawwe? 11 Hoe kinne jimme no net foar 't ferstân hawwe, dat ik it tsjin jimme net oer bôlen hie? Nee, jimme moatte by it soerdaai fan 'e Fariseeërs en Sadduseeërs weibliuwe.' 12 Doe begriepen se dat er net bedoelde, by it soerdaai foar de bôlen weibliuwe, mar by de útlis fan 'e Fariseeërs en Sadduseeërs weibliuwe.

13 Doe't Jezus yn 'e omkriten fan Caesaréa-fan-Filippus kommen wie, frege er syn learlingen gauris: 'Wa sizze de lju dat de Minskesoan is?' 14 Hja seine: 'Guon fan: Jehannes de Doper, oaren fan: Elia, wer oaren fan: Jeremia of ien fan 'e profeten.' 15 Hy sei wer tsjin har: 'Mar jimme, wa sizze jimme dat ik bin?' 16 En Simon Petrus antwurde: 'De Kristus, dat binne jo, de soan fan 'e libbene God!' 17 Jezus antwurde him: 'Lokkich bisto, Simon Joanasoan, want fleis en bloed hawwe dy dat net iepenbiere, mar myn Heit yn 'e himel. 18 En ik sil dy sizze: Petrus, dat bisto, en op dy rots sil ik myn tsjerke bouwe, en de hiele ûnderwrâld sil dy net oer kinne. 19 Ik sil dy de kaaen jaan fan Gods hearskippij, en watsto fêstleist op ierde, dat sil fêstlizze yn 'e himel, en watsto frij makkest op ierde, dat sil frij wêze yn 'e himel.' 20 Doe lei er de learlingen op om tsjin net ien te sizzen dat hysels de Kristus wie.

21 Fan dat stuit ôf begûn Jezus syn learlingen dúdlik te meitsjen, dat er nei Jeruzalem ta moast, en in protte te lijen krije moast fan 'e âldsten en de hegeprysters en de wetgelearden, en deamakke wurde, en op 'e tredde dei wer yn it libben roppen. 22 Petrus luts him nei him ta en soe him it leksum lêze mei de wurden: 'Yn himels namme, Hear, dat sil hjir net wêze!' 23 Mar hy draaide him om om tsjin Petrus te sizzen: 'Fuort, efter my, satan! Bist my yn 't paad, net Gods dingen mar dy fan 'e minsken yn 't sin te hawwen!'

24 Doe sei Jezus tsjin syn learlingen: 'As ien efter my oan komme wol, lit dy himsels dan alles ûntsizze en de krûsbalke op him nimme en dan myn neifolger wêze. 25 Want dy't it libben derôf rêde wol, dy sil it ferlieze, mar dy't it libben ferliest om my, dy sil it weromfine. 26 Wat sil it in minske ommers jaan, as er ek de hiele wrâld wint, mar it libben ynleverje moat? Of wat sil in minske foar priis jaan foar it libben? 27 Want it komt sa, de Minskesoan sil komme yn 'e hearlikheid fan syn heit mei syn ingels, en dan jout er elkenien neffens syn dwaan. 28 Jawier, ik sis jimme, der binne guon dy't hjir steane, dy krije de dea net te priuwen ear't se de Minskesoan yn syn hearskippij kommen sjoen hawwe.'

## Haadstik 17

1 Doe naam Jezus nei seis dagen Petrus, Jakobus en dy syn broer Jehannes mei en brocht har by in hege berch op, mei oars net ien. 2 En hy krige in oar uterlik dêr't se by wiene, ja, syn antlit begûn te strieljen as de sinne, syn klean waarden wyt as it ljocht. 3 En sjudêr, se krigen Moazes en Elia te sjen, mei him yn petear. 4 Petrus oppenarre him en sei tsjin Jezus: 'Hear, wat moai dat wy hjir sa binne! As jo wolle, dan meitsje ik hjir trije tinten: foar jo ien en foar Moazes ien en foar Elia ien.' 5 Wylst er noch oan it wurd wie, sjudêr, in wolk fan ljocht beduts harren, en sjoch, in lûd klonk út 'e wolk: 'Dat is myn leave Soan, mei wa't ik wiis bin. Jimme moatte nei him harkje.' 6 Doe't se dat hearden, lieten de learlingen har plat foaroer falle, en se waarden tige bang. 7 En Jezus kaam by har en hy krige har beet mei de wurden: 'Kom oerein, en no net mear bang wêze!' 8 En doe't se wer opseagen, seagen se oars net ien as inkeld Jezus.

9 Wylst se by de berch del giene, skerpe Jezus it har yn: 'Dat gesicht oan net ien fertelle, krekt salang dat de Minskesoan út 'e deaden weromroppen is.' 10 De learlingen fregen him: 'Hoesa dan sizze de wetgelearden, Elia moat earst komme?' 11 Hy antwurde: 'Elia sil wol earst komme en alles wer goed meitsje, 12 mar ik kin jimme sizze: Elia is al kommen en se woene him net kenne, mar se hawwe mei him dien sa't se mar woene. Sa sil de Minskesoan it ek fan har ferneare moatte.' 13 Doe begriepen de learlingen, dat er it mei har oer Jehannes de Doper hie.

14 En doe't se wer by de grutte kliber kommen wiene, kaam der in man by him, dy't him op knibbels smeke: 15 'Hear, haw begrutsjen mei myn soan, want de moanne makket him siik en dat hat him slim yn 'e skjirre: gauris falt er yn it fjoer en gauris yn 't wetter. 16 Ik haw him ek by jo learlingen brocht, en dy hawwe neat mei him wurde kind.' 17 Jezus antwurde: 'Offallich skaai en sûnder betrouwen dat jimme binne, hoelang bliuw ik noch by jimme? Jimme moatte him hjir mar by my bringe.' 18 En Jezus lies him it leksum en de kweageast gie by him wei en de jonge krige fan dat stuit ôf syn gerak.

19 Doe kamen de learlingen apart by Jezus om te sizzen: 'Hoesa koene wy dy net útdriuwe?' 20 Hy wer tsjin har: 'Troch jimme bytsje betrouwen. Want jawier, ik sis jimme, as jimme mar betrouwen hawwe as in mostersiedsje, dan sizze jimme tsjin dy berch: Gean hjirwei, dêrhinne! en dan giet er, en neat is jimme ûnmooglik.'

22 Doe't se mei-inoar wer yn Galiléa wiene, sei Jezus tsjin har: 'It moat sa komme, de Minskesoan wurdt aansens oerlevere yn minskehannen, 23 en se sille him deadzje en de tredde deis sil er wer yn it libben roppen wurde.' En se krigen slim fertriet.

24 En doe't se yn Kafarnaüm oankommen wiene, kamen de lju dy't de timpelbydrage ophelje by Petrus en seine: 'Betellet jimme master gjin timpelbydrage?' 25 Hy sei: 'Jawis al.' Doe't er thúskaam, wie Jezus him al foar: 'Wat seisto ris, Simon? De keningen fan 'e ierde, fan wa helje dy belestings en aksyns? Fan har eigen famylje of fan 'e oaren?' 26 En doe't er sei: 'Fan 'e oaren,' doe sei Jezus tsjin him: 'No, dan is de eigen famylje frij.'

27 Mar dat wy se net yn 'e wei binne, gean do nei de mar ta en smyt in hoek út en helje de earste fisk dy't boppe komt derút, en dy makkest de bek iepen en dan silst in sulverstik fine. Krij dat en jou it harren foar my en foar dysels.'

## Haadstik 18

1 Op datselde stuit kamen de learlingen by Jezus mei it sizzen: ‘Wa is no eins grutter as it oangiet mei Gods hearskippij?’ 2 En hy rôp in berntsje by him, dat er midden tusken har yn delsette, 3 en sei: ‘Jawier, ik sis jimme, as jimme net omkeare en lykas de lytse bern wurde, bedarje jimme net iens ûnder Gods hearskippij. 4 Dat, elk dy’t himsels lyts meitsje sil, as dat berntsje, dy is de grutste as it oangiet mei Gods hearskippij. 5 En dy’t ien sa’n lyts bern opnimt om myn namme, dy nimt my op. 6 Mar dy’t ien fan dy lytsen, dy’t op my betrouwe, stroffelje lit, dy kin mar better in mealstien om ’e nekke hongen krije en yn it djipst fan ’e see ferdronken wurde.

7 O wee de wrâld, fanwegen de stroffelstiennen! Want der moatte wol stroffelstiennen komme, mar o wee de man, troch wa’t it stroffeljen komt. 8 En as dyn hân of dyn foet dy stroffelje lit, slaan him derôf en smyt him by dy wei. Hast der mear oan om kreupel of ûngelokkich it libben yn te gean as om mei beide hannen of beide fuotten yn it ivige fjoer smiten te wurden. 9 En as dyn each dy stroffelje lit, helje it derút en smyt it by dy wei. Hast der mear oan om as ieneach it libben yn te gean as om mei beide eagen yn ’e fjoerhelle smiten te wurden. 10 Jimme moatte derom tinke dat jimme net ien fan dy lytskes lytsachtsje. Want ik wik it jimme: harren ingels yn ’e himel binne it hiele skoft yn ’e pleit foar har by myn Heit yn ’e himel.

12 Wat sizze jim? As in man hûndert skiep hat en ien dêrfan rekket op ’e sweef, sil er dan de njoggenennjoggentich net yn ’e bergen rinne litte, en derop útgean om de omswever te sykjen? 13 En mocht it sa komme dat er him fynt, jawier ik sis jimme, hy is der wizer mei as mei de njoggenennjoggentich dy’t net op ’e sweef binne. 14 Sa bestiet it ek net, dat jimme himelske Heit wolle soe, dat ien fan dy lytskes wei rekket.

15 En as dyn broer mis is, gean dan hinne en wiis him dêrop, ûnder fjouwer eagen. As er nei dy harket, dan hast dyn broer wûn. 16 As er net harket, helje der dan bûten dysels noch ien of twa by, dat alles wat sein wurdt troch de útspraak fan twa tsjûgen of trije befêstige wurde kin. 17 En as er net om har sizzen jout, sis it dan tsjin ’e gemeente. As er ek net nei de gemeente harket, lit him dan foar dy in heiden of tolgarder allyk wêze. 18 Jawier, ik sis jimme: wat jimme fêstlizze op ierde, dat sil fêstlizze yn ’e himel, en wat jimme frij meitsje op ierde, dat sil frij wêze yn ’e himel.

19 Nochris sis ik jimme: as twa fan jimme it op ierde iens binne, oer wat ding oft se mar freegje wolle, dan sil it sa foar har komme fan myn Heit yn ’e himel. 20 Want dêr’t twa of trije yn myn namme byinoar binne, dêr bin ik yn har fermidden.’

21 Doe kaam Petrus by him om tsjin him te sizzen: ‘Hear, hoefolle kearen sil myn broer mis wêze foar my oer en moat ik him ferjaan? Wol sân kear?’ 22 Jezus syn antwurd wie: ‘Ik sis dy net: wol sân kear, mar wol santich kear sân.

23 Dêrom, Gods hearskippij is krekt as in kening, dy woe in kear rekkendei hâlde mei syn slaven. 24 En doe’t er begûn te rekkenjen, waard der ien skuldner by him brocht fan tsientûzen talinten. 25 Omdat dy mei gjin mooglikheid betelje koe, joech de hear befel en ferkeapje him en syn frou en syn bern en alles wat er hie, en betelje dat. 26 Dat de slaaf liet him falle, en lei foar him op knibbels mei de wurden: “Sjoch it mei my oan, en ik sil jo alles betelje!” 27 En omdat it de hear fan dy slaaf oan it hert gie, liet er him gean en skonk him de liening. 28 Mar doe’t dyselde slaaf dêrwei gie, trof er ien fan syn maten, in slaaf dy’t hûndert denaarjes by him yn ’e skuld wie, en hy pakte him beet en hold him by de kiel mei de wurden: “Betelje, alles watst yn ’e skuld bist!” 29 Dat syn maat liet him falle en stie derop oan: “Sjoch it mei my oan, en ik sil dy betelje!” 30 Hy wegere dat lykwols, mar gie fuort om him fêst te setten, krekt salang dat er it skuldbedrach betelje soe. 31 Dat doe’t syn maten seagen wat der barde, waarden se slim fertrietlik, en se giene nei harren hear om him alles te ferdútsen wat der bard wie. 32 Doe rôp syn hear him by him en hy seit dit: “Smoarge slaaf dy’tste biste, dy hiele skuld haw ik dy skonken, omdatsto der by my op oanstien hiest. 33 Hie it dy net om dyn maat begrutsje moatten, sa’t it my ek om dy begrutte?” 34 En de hear wie sa lilk, hy droech him oer oan ’e beulen, krekt salang dat er it hiele skuldbedrach betelje soe. 35 Sa sil myn Himelheit ek mei jimme dwaan, as jimme elkoar net allegearre fan herten ferjouwe.’

## Haadstik 19

1 En doe't it sa fier wie dat Jezus klear wie mei dy wurden, sette er út Galiléa wei, en gie nei de kontreien fan Judéa oarekant Jordaen. 2 Grutte kloften folgen him, en hy joech se dêr omtinken.

3 Der kamen ek Fariseeërs by him, dy't him hifkje woene troch te sizzen: 'Mei ien syn frou fuortstjoere om likefolle watfoar reden?' 4 Hy antwurde: 'Hawwe jimme net lêzen, dat de Skepper fan it begjin ôf 'harren manlik en froulik makke?'' 5 En hy sei: 'Dêrom sil ien syn heit en syn mem ferlitte en mei syn frou libje, en dy twa wurde ien lichem. 6 Dat it binne gjin twa mear, mar ien lichem. No, wat God byinoar foege hat, moat in minske net útinoar helje.' 7 Hja wer tsjin him: 'Hoesa hat Moazes dan foarskreaun: in brief mei ferklearring fan ôfstân oerjaan, en dan fuortstjoere?' 8 Hy wer tsjin har: 'Moazes hat jimme mei it each op jimme dôfhûdigens talitten om jimme frou fuort te stjoeren, mar fan 't begjin ôf sit it oars. 9 En ik sis jimme: wa't syn frou mar fuortstjoert, as it net om frjemdgean is, en mei in oaren trout, dy is oan it troubrekken.'

10 De learlingen seine dêrop: 'As dat ien syn ferantwurdlikheid foar de frou oer is, dan is it net bêst om te trouwen.' 11 En hy sei tsjin har: 'Net elkenien kin dy regel oan, mar dy't dy jefte hat. 12 Want der binne eunúchen dy't fan 'e memmeskerte ôf sa berne binne, en der binne eunúchen dy't troch de minsken eunúch makke binne, en der binne eunúchen dy't harsels eunúch makke hawwe om de hearskippij fan God. Dy't it oan kin, moat it mar wier meitsje.'

13 Doe brochten de lju lytse bern by him, dat Er harren de hannen oplizze en dan bidde soe. Mar de learlingen soene har it leksum lêze. 14 Mar Jezus sei: 'Lit dy bern gewurde, en besykje no net om te kearen dat se by my komme, want foar sokke minsken komt Gods hearskippij.' 15 En neidat er harren de hannen oplein hie, reizge er dêr wer wei.

16 En sjoch, dêr kaam ien by him mei de wurden: 'Master, watfoar goeds moat ik dwaan om ivich libben te krijen?' 17 Hy sei tsjin him: 'Hoesa stelt my fragen oer wat goed is? Dy't goed is, is ien. Mar asto by it libben útkomme wolst, moatsto de geboaden neikomme.' 18 Hy wer tsjin him: 'Hokker?' Jezus sei: 'Do silst net moardzje, do silst net troubrekke, do silst net stelle, do silst net sabeare tsjûgje, 19 hâld dyn heit en dyn mem yn eare, en: Do silst dyn neiste tagedien wêze lykas dysels.' 20 De jongfeint wer tsjin him: 'Al dy dingen haw ik my oan holden. Wat sjit ik noch te koart?' 21 Jezus sei tsjin him: 'Asto hielendal goed wêze wolst, gean dan hinne en ferkeapje dyn dingen en jou alles oan bidlers, en dan hast in skat yn 'e himel. En kom mar, meist myn folgeling wêze.' 22 Doe't de jongfeint dat antwurd hearde, gie er fertrietlik fuort, want hy wie ien mei gâns besittings.

23 En Jezus sei tsjin syn learlingen: 'Jawier, ik sis jimme: in rikenien jout him mar min ûnder Gods hearskippij del. 24 Ja, ik sis it jimme: in kamiel giet makliker troch it each fan in nudle as dat in rikenien him ûnder de hearskippij fan God deljout.' 25 Doe't de learlingen dat hearden, wiene se der hielendal ôf, en se seine: 'Wa kin dan noch rêden wurde?' 26 En Jezus seach harren oan en sei: 'By de minsken kin dat net, mar by God kin alles.'

27 Doe oppenearre Petrus him en sei tsjin him: 'Sjoch, wý hawwe alles lizze litten en binne jo folge. Wat krije wý dan?' 28 Jezus sei tsjin harren: 'Jawier, ik sis jimme: jimme dy't my folge hawwe, as alles nij wurdt, wannear't de Minskesoan op syn keningstroan sit nimt, dan sille jimme ek op tolve troanen sitte as rjochters oer de tolve stammen fan Israel. 29 En elkenien dy't huzen of bruorren of susters of heit of mem of bern of lân om myn namme efterlitten hat, dy sil hûndertfâldich weromkrije en ivich libben ervje. 30 In protte earsten wurde lêsten, en lêsten earsten.

## Haadstik 20

1 Want de hearskippij fan God is krekt as in boer, dy't der in kear moarns ier en betiid op útgie om arbeiders yn te hieren foar syn druevhôf. 2 Doe't er it mei de arbeiders iens wurden wie foar ien denaarje deis stjoerde er har nei syn druevhôf. 3 En doe't er der de tredde oere hinne op útgie, seach er oaren op 'e merk stean sûnder wurk. 4 Ek tsjin dyen sei er: "Gean jimme ek nei it druevhôf ta, en wat earlik is, sil ik jimme jaan." 5 Dat dy giene derhinne. Doe't er der wer op útgie, de sechsde en de njoggende oere hinne, died er krekt-en-gelyk. 6 En doe't er der de alfde oere hinne op útgie, fûn er oaren stean en doe sei er tsjin har: "Wat dogge jimme hjir de hiele dei sûnder wurk te stean?" 7 Hja wer tsjin him: "Net ien hat ús ynhiert." Hy wer tsjin har: "Gean jimme ek nei it druevhôf."

8 Doe't it al jûns let wie, sei de hear fan it druevhôf tsjin syn grutfeint: "Rop de arbeiders en jou se it lean, te begjinnen mei de lêsten, oant de earsten ek west hawwe." 9 En doe't dy fan de alfde oere kamen, krigen se elk in denaarje. 10 En doe't de earsten kamen, mienden dy, sy soene mear krije. En se krigen elk ien denaarje, krekt gelyk. 11 En doe't se dy krigen hiene, foeteren se mar op 'e húsman om 12 en se seine: "Dy lêsten hawwe ien oere dien, en jo hawwe se ús gelikens makke, dy't de lêst fan 'e dei en de hjitte droegen hawwe." 13 Mar hy antwurde ien fan harren: "Kammeraat, ik doch dy gjin ûnrjocht. Bisto it net mei my iens wurden foar ien denaarje? 14 Nim dines en klear. Ik wol no ienkear dy lêstkommene likefolle jaan as dy. 15 Ik mei dochs dwaan wat ik wol mei myn eigen? Of kinsto it net útstean dat ik goed bin? 16 Sa wurde de lêsten de earsten, en de earsten de lêsten."

17 En ûnderweis nei Jeruzalem naam Jezus de tolve apart en rinnendewei sei er tsjin har: 18 'Sjoch, wy reizgie no op nei Jeruzalem, en de Minskesoan sil oerjûn wurde oan 'e hegeprysters en wetgelearden, en se sille him ta de dea feroardielje, 19 en him oerjaan oan 'e heidenfolken dat se him slane en giselje en dan krusigje, en de tredde deis sil er wer yn it libben roppen wurde.'

20 Doe kaam de mem fan 'e jonges fan Sebedéus by him, mei har beide jonges. Hja lei foar him op knibbels en woe him wat freegje. 21 En hy sei tsjin har: 'Wat wolle jo?' Doe sei hja tsjin him: 'Sis dat myn beide jonges hjirre links en rjochts fan jo komme te sitten, elk oan in kant, as it oangiet mei jo hearskippij.' 22 Jezus antwurde: 'Jimme witte net, wêr't jimme om freegje. Kinne jimme de beker drinke, dy't ik leechdrinke moat?' Hja wer tsjin him: 'Dat kinne wy.' 23 Hy wer tsjin har: 'Myn beker komme jimme te drinken, mar rjochts fan my sitte en links, dêr gean ik net oer, dat is foar deselden foar wa't it weilein is troch myn Heit.'

24 Doe't de tsien dat hearden, wûnen se har wakker op om de beide bruorren. 25 Mar Jezus rôp har by him en sei: 'Jimme witte, de hearskers oer de folken hawwe absolute macht oer har, en de hege hearen hawwe it folslein oer har te sizzen. 26 Sa komt it by jimme net. Mar as ien in heech plak by jimme hawwe wol, dan wurdt dat jimme tsjinner, 27 en as ien by jimme de earste wêze wol, dan wurdt dat jimme slaaf, 28 sa't de Minskesoan ek net kommen is om tsjinne te wurden, mar om te tsjinjen en syn libben te jaan as in losjild foar gâns minsken.'

29 Doe't se út Jericho wei reizgen, folge him in grutte kloft. 30 En sjudêr, twa blinen dy't oan 'e strjitte sieten, doe't dy hearden dat Jezus foarbykaam, rôpen se: 'Haw begrutsjen mei ús, soan fan David!' 31 En de kloft soe har it leksum lêze, dat se har stilhâlde moasten. Mar hja rôpen noch lûder: 'Haw begrutsjen mei ús, Hear, Soan fan David!' 32 En Jezus bleau stean om har oan te sprekken en sei: 'Wat wolle jimme dat ik foar jimme doch?' 33 Hja wer tsjin him: 'Hear, dat ús eagen iepen geane.' 34 En omdat it Jezus oan it hert gie, rekke er har eagen oan, en fuortendaliks begûnen se te sjen en folgen se him.

## Haadstik 21

1 Doe't se hast by Jeruzalem wiene en yn Betfagê kamen, by de Oliveberch, doe stjoerde Jezus twa learlingen derop út, 2 mei de wurden: 'Gean dat út nei it doarp hjir foar jimme, en dan sille jimme daliks in ezel sjen dy't fêst stiet en in fôle derby: meitsje dy los en bring dy by my. 3 En mocht ien wat tsjin jimme sizze, dan sizze jim: "De Hear moat se brûke", en dan jout er se daliks wol mei. 4 Sa komt út wat de Hear troch de profet sein hat:

5 Jimme moatte tsjin dochter Sion sizze:  
Sjoch, dyn kening komt by dy,  
sêftmoedich en op in ezel  
en op in fôle, it jong fan in wurkbist.'

6 En de learlingen setten ôf, en diene sa't Jezus har opdracht jûn hie, dat se brochten de ezel en de fôle. 7 Hja hongen de mantels dêrop, en hy gie dêr wer op sitten. 8 De measte minsken leine de mantels op strjitte. Mar oaren kapten tûken fan 'e beammen en spraten dy oer de strjitte út, 9 en it folk dat foar him út rûn, en dat him folge, rôp it út:

Hosanna foar de Soan fan David,  
seinige dy't komt yn 'e namme fan 'e Hear:  
hosanna yn 'e heechste hichte!

10 En doe't er yn Jeruzalem kaam, rekke de hiele stêd yn opskuor, en elk sei: 'Wa is dat?' 11 En it folk wer: 'Dat is de profet Jezus út Nazaret yn Galiléa!'

12 Jezus gie ek nei de timpel ta en hy dreau de lju dy't yn 'e timpel kochten en ferkochten derút, en de taffeltsjes fan 'e jildwikselders smiet er om, en de sitsjes fan dy't de down ferkochten. 13 Hy wer tsjin har: 'Der stiet:

Myn hûs sil in hûs fan gebed neamd wurde,  
mar jimme meitsje der in rôvershoale fan.'

14 En der kamen blinen en kreupelen by him yn 'e timpel, en hy stie noed fan har. 15 En doe't de hegeprysters en de wetgelearden de bysûndere dingen seagen dy't er die, en de bern dy't yn 'e timpel rûnen te ropen fan 'Hosanna foar de Soan fan David', doe wûnen se har wakker op 16 en seine tsjin him: 'Hearre jo wat dy bern dêr sizze?' Mar Jezus tsjin har: 'Jawis wol. Hawwe jimme dan net ien kear lêzen fan:

De mûlen fan lytse poppen en tatebern hawwe jo jo lof út klinke litten?'

17 En hy gie by harren wei om de stêd út nei Betaanje en dêr dan de nachts bliuwe.

18 Doe't er moarns betiid wer nei de stêd ta gie, waard er hongerich. 19 En omdat er dêr in figebeam by de dyk seach, gie er dêrhinne. En hy fûn dêr oars net oan as blêden. Hy tsjin dy beam: 'Lit der nea wer in frucht út dy wei komme oant yn ivichheid!' En de figebeam ferdrûge yn ien kear.

20 Doe't de learlingen dat ek seagen, wiene se ferwûndere: 'Hoe kin dy figebeam yn ien kear ferdrûge wêze?' 21 Jezus antwurde har: 'Jawier, ik sis jimme, as jimme betrouwen hawwe en jimme begjinne net te twiveljen, dan sille jimme net allinnich dat mei dy figebeam dwaan, mar sels wannear't jimme tsjin dy berch sizze fan: Omheech en yn 'e see!, dan komt it sa. 22 En hoefolle oft jimme yn jimme gebed ek freegje, as jimme betrouwen hâlde, sille jimme it allegearre krije.'

23 Doe't er yn 'e timpel oankommen wie, kamen de hegeprysters en de âldsten fan it folk by him wylst er útlis joech, en se seine: 'Mei hokker foech dogge jo dat? En wa hat jo dat foech dan jûn?' 24 Jezus antwurde harren: 'Ik sil jimme ek in ding freegje, en as jimme my dat fertelle, dan sil ik jimme ek fertelle mei hokker foech oft ik dy dingen doch. 25 De doop fan Jehannes, wêr wie dy

wei: út 'e himel of by minsken wei?' En hja redendielden ûnderinoar fan: 'As wy sizze fan út 'e himel, dan seit er tsjin ús: Hoesa leauden jimme him dan net? 26 Mar as wy sizze fan by de minsken wei, dan binne wy benaud fan 'e grutte kliber, want dy hâlde Jehannes allegearre foar in profet.' 27 En se antwurden Jezus: 'Wy witte it net.' Hy sei tsjin har, krekt gelyk: 'Dan fertel ik jimme ek net, mei hokker foech oft ik dy dingen doch.

28 Mar wat sizze jim? In man hie twa bern. En hy kaam by de earste en sei: "Jonge, toe, do moatst hjoed yn it druevhôf oan 'e gong." 29 Dy antwurde: "Dat wol 'kn't", mar letter krige er spyt, dat hy gie der al hinne. 30 En hy kaam by de oare, mei krekt-en-itselde sizzen. Dy antwurde: "Ik al, hear, heit!" – en hy gie der net hinne. 31 Wa fan beide hat de wil fan 'e heit dien?' Hja: 'De earste.' Jezus wer tsjin har: 'Jawier, ik sis jimme, de tolgarders en de huorren slagje earder ûnder Gods hearskippij as jimme. 32 Jehannes is ommers by jimme kommen mei it rjochte paad, en jimme leauden him net, mar de tolgarders en de huorren leauden him al. Mar sels doe't jimme dat seagen, hawwe jimme jimme letter net betocht en leau him.

33 Hear nochris in gelikenis. Der wie ris in húsman dy't in druevhôf plante en dêr in freding omhinne sette en in parse yn útgroef en in wachttoer boude, en hy ferhierde him oan boeren en gie om utens. 34 Doe't it hast druvesikerstiid wie, stjoerde er syn slaven nei de boeren ta om syn opbringst yn ûntfangst te nimmen. 35 En de boeren paktten syn slaven en turven de iene ôf, deaden in oaren, en stiennigen wer in oaren. 36 Nochris stjoerde er oare slaven, mear as dy earsten, en dy behannelen se krekt-en-gelyk. 37 En noch letter stjoerde er syn soan nei har ta, om't er tocht: Se sille myn soan neat dwaan. 38 Mar doe't de boeren de soan seagen, seine se tsjininoar: Dat is de erfgenamt! Kom, lit ús him deameitsje en dan syn erfenis krije! 39 En se paktten him, jagen him bûten it druevhôf en makken him dea. 40 No, wannear't de hear fan it druevhôf komt, hoe sil dy dy boeren behannelje?' 41 Har antwurd wie: 'Sokke minne lju, hy besoarget se in minne útein, en it druevhôf jout er oan oare boeren, guon dy't him de opbringst ôfdrage as it dêr de tiid foar is.' 42 Dêrop sei Jezus wer tsjin har: 'Hawwe jimme dan net ien kear yn 'e Skrift lêzen:

De stien dy't de bouwers ôfkard hawwe,  
dat is krekt de hoekstien wurden.  
Dy kaam by de Heare wei  
en hy is in wûnder yn ús eagen?

43 Dat sadwaande sis ik jimme: God sil gjin kening mear oer jimme wêze, en syn keningskip wurdt oan in folk jûn dat de fruchten opbringst dy't dêrby hearre. 44 En dy't op dy stien falt, dy giet oan stikken, en op wa't dy stien falt, dy giet oan grom.'

45 En by it hearren fan syn gelikenis begriepen de hegeprysters en Fariseeërs, dat hy it oer har hie. 46 En al wiene se derop út om him te gripen, se wiene bang fan 'e kliber, omdat dy him foar in profet hold.

## Haadstik 22

1 En Jezus spruts har wer oan yn gelikenissen: 2 ‘De hearskippij fan God is krekt as in man dy’t kening wie, en dy hold in brulloft foar syn soan. 3 Hy stjoerde syn slaven út om dy’t in útnûging hiene op ‘e brulloft te nûgjen, en dy woene net komme. 4 Nochris stjoerde er oare slaven, mei it sizzen: Jimme moatte tsjin ‘e lju mei in útnûging sizze fan: Sjoch, ik sit hjir mei it miel klear, myn bollen en myn slachtfee lizze te brieden, en alles is klear: kom op ‘e brulloft! 5 Mar hja bekroaden har der net om en giene fuort: de iene nei syn eigen lân, de oare nei syn saak, 6 en de oaren griepen syn slaven en mishannelen se en makken se dea. 7 De kening waard lilck en stjoerde syn legers om dy moardners om hals te bringen en har stêd plat te brânen.

8 Doe sei er tsjin syn slaven: De brulloft is taret, mar de lju mei in útnûging wiene it net wurdich. 9 Dat gean no op wei nei de krusings fan ‘e wegen, en nûgje op ‘e brulloft safolle as jimme mar tsjinkomme. 10 En dy slaven giene de dyk út, om allegearre dy’t se tsjinkamen op te heljen, de ferkearden mei de goeden, en de brulloft rekke fol mei iters.

11 Mar doe’t de kening deryn kaam om de iters te besjen, seach er dêr in man dy’t gjin brulloftsklean oan hie. 12 Doe sei er tsjin him: Kammeraat, hoe bisto hjir kommen sûnder datsto brulloftsklean hast? En hy hie gjin wjerwurd. 13 Doe sei de kening tsjin ‘e tsjinners: Byn him oan hannen en fuotten en smyt him dan yn it tsjuster bûtendoar. Dêr kin dan skriemd wurde en toskenaarst. 14 Want in protte binne roppen, mar in pear lykwols útsocht.’

15 Doe giene de Fariseeërs hinne om oerlis te hâlden, hoe’t se him mei in wurd deryn rinne litte koene. 16 Se stjoerden harren learlingen nei him ta mei de Herodianen mei de wurden: ‘Master, wy witte dat jo in man fan ‘e wierheid binne en de wei fan God neffens de wierheid útlizze en dat jo nearne om jouwe, want jo sjogge minsken net nei de eagen. 17 Fertel ús dus wat jo derfan fine: mei men belesting jaan oan Caesar of net?’ 18 Mar omdat Jezus har ferkeardichheid trochhie, sei er: ‘Wat dogge jimme my te hifkjen, toanielspylders dy’t jimme binne? 19 Lit my de belestingmunt ris sjen.’ Se brochten him in denaarje. 20 Dêrop sei hy tsjin har: ‘Wa sines is dy ôfbylding en it opskrift?’ 21 Hja wer tsjin him: ‘Caesar sines. Hy doe wer tsjin har: ‘Jou dan Caesar sines oan Caesar en God sines oan God.’ 22 En doe’t se dat hearden, rekken se ferwûndere, en se lieten him gewurde en giene fuort.

23 Dyselde deis kamen der Sadduseeërs by him, dy’t sizze dat der gjin ferrizenis bestiet, en se fregen him: 24 ‘Master, Moazes hat sein: As ien stjert sûnder dat er bern hat, dan sil syn broer as sweager mei syn frou trouwe en neiteam oansette foar syn broer. 25 No wiene der by ús sân bruorren, en de earste ferstoar nei syn trouwen, en omdat er gjin neiteam hie, liet er syn frou oan syn broer nei. 26 Lyksa ek de twadde en de tredde, oan alle sân ta. 27 En it lêste fan allegearre stoar de frou. 28 Mei de ferrizenis, wa fan ‘e sân wurdt se dan de frou fan? Se hawwe har ommers allegear hân.’ 29 Jezus antwurde har: ‘Jimme binne op ‘e doele, de Skrift net te kennen, en de krêft fan God likemin. 30 Mei de ferrizenis wurdt der ommers trouw noch úthoulike, mar de lju binne as ingels yn ‘e himel. 31 En oer de ferrizenis fan ‘e deaden, hawwe jimme net lêzen wat God tsjin jimme sein hat? 32 ‘Ik bin de God fan Abraham en de God fan Izaäk en de God fan Jakob.’ Hy is gjin God fan deaden mar fan libbenen.’ 33 En doe’t de kloften dat hearden, wiene se der hielendal ôf troch syn útlis.


34 Doe’t de Fariseeërs hearden, dat er de Sadduseeërs stil krige hie, sammelen se har om him hinne, 35 en ien fan har frege him hifkjendewei: 36 ‘Master, hoe’n gebod is no grut yn ‘e wet?’ 37 En hy sei tsjin him: Do silst de Hear dyn God tagedien wêze mei dyn hiele hert en mei dyn hiele siel en mei dyn hiele ferstân. 38 Dat is it grutte en earste gebod. 39 En in twadden is dêr gelyk oan: Do silst dyn neiste tagedien wêze lykas dysels. 40 Dy twa geboadens sitte de hiele wet en de profeten oan fêst.’

41 No’t de Fariseeërs byinoar wiene, frege Jezus har 42 fan: ‘Wat sizze jimme fan ‘e Kristus? Wa syn Soan is hy?’ Hja wer tsjin him: ‘Fan David.’ 43 Hy wer tsjin har: ‘Hoe kin David him dan troch de Geast fan ‘Hear’ neame? Hy seit:

De Hear sei tsjin myn Hear:

Do moastst oan myn rjochterhân sitte,  
krekt salang dat ik dyn fijannen  
dy ûnder de fuotten pleats.

44 Dus, as David him fan “Hear” neamt, hoe kin er dan syn soan wêze?’ 46 En net ien koe him in  
wurd antwurdzje en fan dy dei ôf weage ek net ien it mear om him wat te freegjen.



## Haadstik 23

1 Doe spriek Jezus de kloften en syn learlingen ta 2 mei de wurden: 'Op Moazes syn stoel hawwe de wetgelearden en de Fariseeërs sit nommen. 3 Dat, doch alle dingen dy't se jimme mar sizze. Ja, jimme moatte jimme dêroan hâlde, mar net dwaan neffens har hâlden en dragen. Want se sizze it, en dogge it net. 4 Hja bine swiere lêsten byinoar en lizze dy de minsken op it skouder, mar sels wolle se noch gjin finger útstekke om dy fan 't plak te krijen. 5 Har hiele dwaan en litten is derop rjochte dat se har foar de minsken besjen litte. Se meitsje ommers har gebedsriemen breed en mantelkwasten grut, 6 se binne wiis mei it foaroanplak by de iterijen en mei de foaroansitten yn 'e synagogen 7 en mei de oankrûperij op 'e pleinen en dat se troch de lju mei 'rabby' oansprutsen wurde.

8 Mar jimme moatte jimme just net fan 'rabby' neame litte. Ien is ommers jimme master, en jimme binne just allegearre bruorren. 9 Jimme moatte ek net ien fan jimmes 'heit' neame op ierde. Ien is ommers jimme Himmelheit. 10 Lit jimsels ek net fan 'foaroanman' neame, want ien is jimme foaroanman, de Kristus. 11 Mar de grutste fan jimme sil jimme tsjinner wêze. 12 En dy't himsels ferheget, sil ferlege wurde, en dy't himsels ferleget, sil ferhege wurde.

13 Wee jimme, wetgelearden en Fariseeërs, toanielspylders dy't jimme binne, Gods hearskippij foar de minsken ôf te sluten! Sels komme jimme der ommers net by te hearren, en dy't derby hearre wolle, litte jimme der net by.

15 Wee jimme, wetgelearden en Fariseeërs, toanielspylders dy't jimme binne, see en lân ôf te swalkjen om ien bekearling te winnen, en wannear't dat in kear slagget, meitsje jimme der dûbeld sa'n hellesoan fan as jimsels!

16 Wee jimme, bline paadwizers, dy't sizze: Dy't in eed swart by de timpel, dat is neat, mar dy't in eed swart by it goud fan 'e timpel, dat jout wat. 17 Sufferts en blinen dy't jimme binne! Wat is ommers grutter: it goud, of de timpel dy't it goud hillich makket? 18 En: Dy't in eed swart by it alter, dat is neat. Mar dy't in eed swart by de jefte dy't derop leit, dat jildt. 19 Blinen dy't jimme binne! Wat is ommers grutter: de jefte, of it alter dat de jefte hillich makket? 20 Dat, dy't in eed swart by it alter, dy swart dêrby en by alles dat derop leit. 21 En dy't in eed swart by de timpel, dy swart dêrby en by dy't der wennet. 22 En dy't in eed swart by de himel, dy swart by de troan fan God en by dy't derop sit.

23 Wee jimme, wetgelearden en Fariseeërs, toanielspylders dy't jimme binne, tsienden te jaan fan kruzemunt en anys en komy, en de lestiger parten fan 'e wet hawwe jimme mar sa litten: it ûnderskied en it begrutsjen en it betrouwen. Dy soene jimme dwaan moatte, en dat oare net gewurde litte. 24 Bline paadwizers, dy't it michje derút plúzje, mar de kamiël deldrinke!

25 Wee jimme, wetgelearden en Fariseeërs, toanielspylders dy't jimme binne, de bûtenkant fan 'e beker en de panne skjûn te meitsjen, en binnenyn sitte se fol ynklauwerij en wyldsin. 26 Bline Fariseeër, meitsje do earst de binnenkant fan 'e beker skjûn, dat de bûtenkant ek skjûn wurdt.


27 Wee jimme, wetgelearden en Fariseeërs, toanielspylders dy't jimme binne, want jimme lykje wol grêven mei pleisterwurk, dy't har fan bûten mar kreas foardogge, mar fan binnen fol sitte mei deade bonken en alle soarten smoargens. 28 Sa dogge jimme jimme ek fan bûten foar de minsken mar rjochtfeardich foar, mar fan binnen binne jimme ien stik húchelderij en ûnfatsoen.

29 Wee jimme, wetgelearden en Fariseeërs, toanielspylders dy't jimme binne, op 'e grêven fan 'e profeten bouwurken del te setten en de tinkstiennen fan 'e rjochtfeardigen moaier te meitsjen, 30 en te sizzen fan: As wy der west hiene yn 'e tiid fan ús foarfaars, dan hiene wy net mei har meidien oan it geweld tsjin 'e profeten. 31 Sa tsjûgje jimme foar jimsels, dat jimme erfgenamten binne fan dy't de profeten fermoarde hawwe. 32 En just jimme hawwe de mjitte folmakke fan jimme foargongers. 33 Slangen dy't jimme binne, njirrebrod, hoe sille jimme it oardiel fan 'e helle ûntrinne?

34 Dat sadwaande, sjoch, ik stjoer profeten en wizen en wetgelearden nei jimme ta. Guon fan harren sille jimme deameitsje en oan it krús hingje en guon fan harren sille jimme giselje yn jimme synagogen en op 'e hûd sitte, fan 'e iene stêd nei de oare, 35 dat alle rjochtfeardich bloed oer jimme bedarret dat op ierde fergetten is, fan it bloed fan Abel ôf, de rjochtfeardige, oan it bloed fan

Secharja ta, de soan fan Berachja, dy't jimme fermoarde hawwe tusken de timpel en it alter. 36  
Jawier, ik sis jimme: dat komt allegearre oer dit laach.

37 Jeruzalem, Jeruzalem, dat de profeten fermoardet en stienniget dy't by jimme komme  
mei boadskip, hoe faak haw ik dyn bern net byinoar bringe wollen, krekt sa't in fûgel de piken  
ûnder syn wjukken byinoar bringt, en jimme woene net. 38 Sjoch, jimme hûs wurdt ferlitten oan jim  
oerlitten. 39 Want ik sis jimme, fan no ôf sjogge jimme my net mear, krekt salang dat jimme sizze  
sille: Seinige dy't komt yn 'e namme fan 'e Hear.'



## Haadstik 24

1 En Jezus gie derút en sette by de timpel wei, en syn learlingen kamen by him om him op 'e gebouwen fan 'e timpel te wizen. 2 Hy antwurde harren: 'Sjogge jimme dat allegearre? Jawier, ik sis jimme, der bliuwt hjir gjin stien op 'e oare, se geane der allegearre wei.'

3 En doe't er op 'e Oliveberch sit nommen hie, kamen de learlingen apart by him en seine: 'Fertel ús wannear't dat wurdt, en wat it teken is, dat jo komme en dat dit tiidrek op 'e ein rint.' 4 Jezus antwurde harren: 'Tink derom dat net ien jimme op 'e doele bringt. 5 Want der sille frijwat yn myn namme komme mei it sizzen: Ik bin de Kristus, en dy sille frijwat op 'e doele bringe. 6 Jimme sille fan oarloppen te hearren krije en fan ferhalen fan oarloppen. Pas op, dat jimme jimme net bangprate litte. Dat moat ommers barre, mar it is de ein noch net. 7 Want folk sil tsjin folk oanhyst wurde, en keninkryk tsjin keninkryk, en der komme hongersneden en ierdbevings op ferskate plakken. 8 Dat allegearre is it begjin fan 'e fleagen.

9 Dan sille se jimme oerjaan om te tamtearjen en jimme deameitsje, en alle folken sille wat tsjin jimme hawwe om myn namme. 10 Dan sille ek frijwat te stroffeljen komme en elkoar oerjaan en foar elkoar oer stean. 11 Frijwat sabeare profeten sille ek oerein komme en frijwat minsken op 'e doele bringe. 12 En mei't der hieltyd minder om wetten of regels jûn wurdt, sil de leafde fan 'e measten bekuolje. 13 Mar dy't oan 'e ein ta folhâldt, dyselde sil rêden wurde. 14 En dat bliid boadskip fan Gods hearskippij sil preke wurde yn 'e hiele bewenne wrâld, dat alle folken tsjûgenis krije, en dan komt de ein.

15 Wannear't jimme dus it ferrinnewearjend stik ôfgriis, dat troch de profeet Daniël foarsein is, stean sjogge op in hillich stee – dy't dit lêst, moat it beseffe – 16 dan moatte dy yn Judéa nei de bergen ta flechtsje. 17 Lit de man op it dak net mear nei ûnderen ta gean om syn dingen út 'e hûs te heljen, 18 en de man op it lân net mear weromgean om syn mantel. 19 En wee de froulju dy't krekt yn dy dagen swier binne en dy't bern oan 't boarst hawwe. 20 Jimme meie wol bidde dat it net by 't winter falt dat jimme flechtsje moatte en ek net op sabbat. 21 Want der komt dan in grutte benearing, sa't der net oan te wizen is fan it begjin fan 'e wrâld ôf oan no ta, en sa'nes komt der ek net wer. 22 En as dy dagen net ynkoarte wurden wiene, dan wie der gjin libbene siel rêden. Mar om dy't útkeazen binne, sille dy dagen ynkoarte wurde.

23 As op dat stuit ien tsjin jimme seit: Sjoch, hjir is de Kristus – of: Hjirre! – leau it dan net. 24 Want der sille sabeare Kristussen en sabeare profeten oereinkomme en grutte tekens fertoane en merakels dat se, wie dat mooglik, sels noch op 'e doele bringe dy't útkeazen binne. 25 Sjedêr, no haw 'k it jimme foarút sein. 26 Dat as se tsjin jimme sizze: Sjoch, hy sit yn 'e wyldernis! – gean der net op út – Sjoch, hy sit ûnderdúkt! – leau it net. 27 Want sa't de wjerljocht út it easten wei komt en oan it westen ta opljochtet, sa wurdt it as it mei de Minskesoan sa fier is. 28 Dêr't it kring mar leit, dêr sammelje de gieren har.

29 En fuort nei de benearing fan dy dagen:

sil de sinne fertsjustere wurde,  
en de moanne syn skysnel net jaan,  
en de stjerren boppe út 'e loft wei falle  
en de himelske machten yn ûnstjoer reitsje.

En dan sil it teken fan de Minskesoan yn 'e loft ferskine, en dan sille alle stammen fan it lân málbeare en se sille de Minskesoan kommen sjen op 'e wolkens yn 'e loft mei macht en grutte hearlikheid. 31 En hy sil syn ingels derop útstjoere mei in grutte trompet, en dy sille dy't troch him útkeazen binne, byinoar bringe út alle fjouwer wynstreken wei, fan 'e iene hoeke fan 'e himel oan 'e oare ta.

32 Mar lear fan 'e figebeam dizze gelikenis: wannear't de twiich al sêft wurdt en de blêden sprute út, dan begripe jimme dat de simmer deroan komt. 33 Sa moatte jimme ek begripe, wannear't jimme dat allegearre sjogge, dat it flak foar de doar stiet. 34 Jawier, ik sis jimme: Dit laach sil grif net ferdwine foardat dat allegear bart. 35 Himel en ierde sille foarbygean, mar myn wurden sille grif

net foarbygean.

36 Mar dy dei en oere wit gjinien wat fan, ek de ingels yn 'e himel net en ek de Soan net, oars net as de Heit. 37 Want lykas de dagen fan Nôach, sa sil it ek wêze as it mei de Minskesoan sa fier is. 38 Want sa't se yn 'e dagen foar de oerstreaming lekker oan it iten en it drinken wiene, oan it trouwen en it úthoulikjen, oan 'e dei ta dat Nôach yn 'e arke gie, 39 en it net begriepen oant de oerstreaming kaam en har allegear ferdwine liet, sa sil it ek wêze as it mei de Minskesoan sa fier is. 40 Dan binne der twa op it lân: ien wurdt meinommen en ien bliuwt dêr – 41 twa mealsters yn 'e mole, ien wurdt meinommen en ien bliuwt dêr.

42 Dat, bliuw wakker, want jimme witte net, op watfoar dei oft jimme Hear komt. 43 Mar safolle begripe jimme al: hie de hear fan it hûs witten yn hokker wacht oft de dief komme soe, dan wie er opbleaun en hie er net goedfûn dat se by him ynbrutsen. 44 Dat sadwaande moatte jimme der ek op klear wêze, dat de Minskesoan komt op in stuit dat jimme it net tinke.

45 Hoe docht no de fertroude en ferstannige slaaf, dy't de hear oer syn persoanlik steld hie om harren op 'e tiid de kost te jaan? 46 Lokkich is sa'n slaaf, as syn hear him dêrmei dwaande treft. 47 Jawier, ik sis jimme, hy sil him oanstelle oer alles wat er hat. 48 Mar as sa'n minne slaaf by himsels seit fan: It hâldt noch wol eefkes oan mei myn hear, 49 en hy begjint syn maten te slaan, en hy yt en hy drinkt mei de sûplappen, 50 dan komt de hear fan sa'n slaaf op in dei dat er it net ferwachtet en op in stuit dat er it net yn 'e gaten hat, 51 en hy sil dy man fergrieme en him itselde lot jaan as de toanielspylders. Dêr kin dan skriemd wurde en toskkenarst.

## Haadstik 25

1 Dan wurdt de hearskippij fan God krekt sa as tsien fammen, dy't in kear mei har lampen derop útgien wiene om de breugeman temjitte. 2 Fiif fan harren wiene sufferts, en fiif ferstannich. 3 Want de sufferts hiene, doe't se har lampen krigen, gjin oalje meinommen. 4 Mar de ferstannigen hiene oalje yn 'e krúkjies meinommen, elk by har eigen lampe. 5 En doe't it nochal oanhold mei de breugeman, wiene se allegearre slúch wurden, en se leine te sliepen.

6 Mar midden yn 'e nacht klonk der in gerop: "Sjoch, de breugeman, gean derút om him temjitte!" 7 Doe waarden al dy fammen wekker en se túgden elk har eigen lampe op. 8 De sufferts seine tsjin 'e ferstannigen: "Jou ús wat fan jimme oalje, want de lampen geane ús hieltyd út." 9 Mar de ferstannigen antwurden: "Noait in kear! Dan is der lang net genôch foar ús en foar jimme! Jimme kinne better nei de ferkeapers ta rinne en keapje dan foar jimsels." 10 En doe't dy fuort wiene om noch te keapjen, kaam de breugeman, en dy't klear wiene, giene mei him nei de brulloft, en de doar waard tichtdien. 11 Mar letter kamen de oare fammen ek, mei it sizzen: "Hear, hear, doch ús iepen!" 12 Mar hy antwurde: "Jawier, ik sis jimme, ik ken jimme net." 13 Dat, bliuw wekker, want jimme witte de dei net en sels net de oere.

14 Want lykas in man dy't om utens soe – dy rôp syn neiste slaven en droech wat er hie oan har oer. 15 De iene joech er fiif talinten, de oare twa, wer in oaren mar ien, elk neffens syn eigen mooglikheden, en hy gie om utens. 16 Fuortendaliks gie deselde dy't fiif talinten krige hie op 'en paad om dêrmei te hanneljen, en hy fertsjinne nochris fiif. 17 Krekt-en-gelyk fertsjinne dy mei twa nochris twa. 18 Mar deselde dy't it iene krige hie, gie fuort om in gat yn 'e grûn te dollen, en dy ferstoppe it jild fan syn hear.

19 Nei gâns tiid, dêr kaam de hear fan dy slaven en hold rekkendei mei har. 20 En deselde dy't fiif talinten krige hie, kaam om nochris fiif te bringen mei de wurden: "Hear, fiif talinten hawwe jo my oerjûn. No sjoch, nochris fiif talinten haw ik fertsjinne." 21 Syn hear sei tsjin him: "Moai sa, goede en fertroude slaaf! Oer in bytsje koe ik op dy oan, oer frijwat sil ik dy oanstelle. Kom mei nei it feest fan dyn hear." 22 Deselde mei twa talinten kaam ek en sei: "Hear, twa talinten hawwe jo my oerjûn. No sjoch, nochris twa talinten haw ik fertsjinne." 23 Syn hear sei tsjin him: "Moai sa, goede en fertroude slaaf! Oer in bytsje koe ik op dy oan, oer frijwat sil ik dy oanstelle. Kom mei nei it feest fan dyn hear."

24 Mar deselde dy't it iene talint ûnder him hie, kaam ek en sei: "Hear, ik haw jo kennen leard dat jo in hurd man binne, ien dy't rispet dêr't jo net siedde hiene en ien dy't byinoar bringt dêr't jo net útstruid hiene, 25 en omdat ik bang wie, bin ik fuortgien en haw jo talint yn 'e grûn ferstoppe. No sjoch, hjir hawwe jo jo eigen." 26 Syn hear antwurde him: "Ferkearde slaaf en bangeskiter dy'tste biste, do wist dat ik rispje dêr't ik net siedde hie en byinoar bring dêr't ik net útstruid hie? 27 Dan hiesto dus myn sinten by de bankminskten stoarte moatten, en dan wie ik sels wol kommen om myn eigen mei rinte op te heljen. 28 Dat, krij him it talint ôf en jou it oan dy't de tsien talinten hie. 29 Want elk dy't wat hat, kriget derby, en hy sil oer hawwe, mar dy't neat hat, sels wat er hat sil him ôfkrige wurde. 30 En smyt dy slaaf dêr't ik neat mei kin yn it tsjuster bûtendoar. Dêr kin dan skriemd wurde en toskekmarst."

31 En wannear't de Minskesoan komt yn syn keninklike weardichheid en alle ingels mei him, dan sil er sit nimme op syn keningstroan. 32 Alle folken sille dan foar him byinoarbrocht wurde, en hy sil se útinoar helje, lykas in hoeder de skiep en de geiten útinoar hellet. 33 Hy sil se opstelle, de skiep oan syn rjochterkant, en de geiten oan syn linkerkant. 34 Dan sil de kening sizze tsjin deselden oan syn rjochterkant: "Kom, jimme dy't troch myn Heit seinige binne, ûntfang as jimme erfskip de hearskippij dy't foar jimme klearlein hat sûnt it begjin fan 'e wrâld. 35 Want ik hie honger en jimme hawwe my te iten jûn, ik hie toarst en jimme hawwe my drinke litten, ik wie frjemd en jimme hawwe my meinommen, 36 neaken en jimme hawwe my klean oandien, ik wie net goed en jimme hawwe om my tocht, ik siet yn 'e finzenis en jimme binne by my kommen." 37 Dan sille de rjochtfearigen him antwurdzje: "Hear, wannear hawwe wy jo dan sjoen mei honger, en fieden, of mei toarst, en drinke litten? 38 Of wannear hawwe wy jo dan as frjemd sjoen, en meinommen, of neaken, en klean oandien? 39 Of wannear hawwe wy jo dan net goed sjoen of yn 'e

finzenis en hawwe wy jo opsocht?” 40 En de kening sil har dan antwurdzje: “Jawier, ik sis jimme: neigeraden dat jimme wat dien hawwe foar ien fan myn minste bruorren en susters dêr, hawwe jimme dat foar my dien.” 41 Dan sil er ek tsjin deselden oan syn linkerkant sizze: “Sjoch dat jimme by my wei komme, jimme dy’t ferflokt wurde ta it ivige fjoer, dat klear is foar de duvel en foar syn ingels. 42 Want ik hie hunger en jimme hawwe my net te iten jûn, ik hie toarst en jimme hawwe my net drinke litten, 43 ik wie frjemd en jimme hawwe my net meinommen, neaken en jimme hawwe my gjin klean oandien, net goed en yn ’e finzenis en jimme hawwe my gjin omtinken jûn.” 44 Dan sille se antwurdzje, krekt gelyk: “Hear, wannear hawwe wy jo dan sjoen mei hunger of toarst of frjemd of neaken of net goed of yn ’e finzenis en hawwe wy jo dan net bystien?” 45 Dan sil er harren antwurdzje: “Jawier, ik sis jimme, neigeraden dat jimme wat net dien hawwe foar ien fan dy minsten, hawwe jimme it ek net foar my dien. 46 En dy sille fuortgean ta ivige straf, mar de rjochtfeardigen ta ivich libben.’

## Haadstik 26

1 Doe't it sa fier wie dat Jezus klear wie mei al dy wurden, sei er tsjin syn learlingen: 2 'Jimme witte dat it mei twa dagen Peaske wurdt, en de Minskesoan wurdt oerjûn om him oan it krús te hingjen.'

3 Op dat stuit kamen de hegeprysters en de âldsten fan it folk byinoar yn it paleis fan 'e hegepryster, dy't fan Kajafas hiet. 4 En se leine meiinoar oer om Jezus slûchslim op te pakken, en dea te meitsjen. 5 Se ornearren lykwols: 'Mar net op it feest, dat der gjin reboelje komt ûnder it folk.'

6 Doe't Jezus yn Betaanje wie, yn it hûs fan Simon Hûdsykte, 7 kaam der in frou by him mei in fleske tige djoere mirre, en dêrmei wreau se him de holle yn, wylst hy oan it miel siet. 8 Doe't de learlingen dat seagen, wûnen se har op en seine: 'Wat jout dy fergriemerij?' 9 Dat hie ommers wol foar in protte ferkocht wurde kind en oan 'e bidlers jûn.' 10 Mar doe't Jezus dat fernaam, sei er tsjin harren: 'Hoesa dogge jimme sa mâl tsjin dy frou? Hja hat ommers in goede died foar my dien. 11 De bidlers hawwe jimme ommers altiten wol by jimme, mar my hawwe jimme net altiten. 12 Want dizze mirre oer myn lichem te dwaan, dat hat se dien foar as ik begroeven wurdt. 13 Jawier, ik sis jimme: wêr't dit bliid boadskip mar preke wurdt yn 'e hiele wrâld, sil ek ferteld wurde wat hja dien hat, ta in oantinken oan har.'

14 Doe sette ien fan 'e tolve, deselde dy't fan Judas Iskariot hiet, nei de hegeprysters ta 15 en sei: 'Wat wolle jimme my jaan? Dan sil ik him jimme wol yn hannen jaan.' Hja praten mei him ôf fan tritich sulverstikken. 16 En fan dat stuit ôf socht er om in gaadlike gelegenheid om him oer te jaan.

17 Op 'e earste dei fan 'e dagen-sûnder-soerdaai kamen de learlingen by Jezus en seine: 'Wêr wolle jo dat wy foar jo it peaskemiel klearmeitsje?' 18 Hy sei: 'Gean nei de stêd, nei dy en dy, en sis dan tsjin him: "De master seit: Myn tiid komt deroan. Lit my by dy it peaskemiel hâlde mei myn learlingen."' 19 En de learlingen diene, sa't Jezus har opdracht jûn hie, en se makken it peaskemiel klear.

20 Doe't it al let op 'e jûn wie, lei er mei de tolve oan 't miel. 21 Under iten sei er: 'Jawier, ik sis jimme: ien fan jimme sil my útleverje.'

22 De learlingen hiene it wakker krap, dat se begûnen ien foar ien tsjin him te sizzen: 'Ik bin it net, wol, Hear?' 23 Hy antwurde: 'Dy't mei my de hân yn 'e skûtel dipt hat, dy sil my útleverje. 24 De Minskesoan giet wol hinne, sa't der ek oer him stiet, mar wee dyselde man troch wa't de Minskesoan útlevere wurdt. It soe de baas foar him wêze as dy man net berne wurden wie.' 25 Judas, dy't him útleverje soe, antwurde him: 'Ik bin it net, wol, rabby?' Hy wer tsjin him: 'Seist it sels.'

26 En ûnder iten krige Jezus in stik bôle, dat er seinige en yn stikken bruts. Dy joech er oan 'e learlingen, mei de wurden: 'Nim, yt, dat is myn lichem.' 27 En doe't er in beker krige hie en dêrfoar tanke, joech er dy oan har mei de wurden: 'Drink dêr allegearre út, 28 want dat is myn bloed dat it ferbûn besegelet. Dat wurdt foar gâns minsken fergetten ta ferjouwing fan sûnden. 29 Ja, ik sis jimme, fan no ôf kom ik net mear te drinken fan dizze druvefrucht, oan dyselde dei ta dat ik dy mei jimme farsk drinke sil, as it oangiet mei myn Heit syn hearskippij.' 30 En nei it sjongen fan it lofliet giene se nei de Oliveberch.

31 Doe wie it dat Jezus tsjin har sei: 'Jimme allegearre sil ik dizze nacht yn 'e wei wêze. Der stiet ommers:

Ik sil de hoeder delslaan  
en de skiep fan 'e keppel sille oeral bedarje.

Mar as ik wer yn it libben roppen bin, gean ik foar jimme út nei Galiléa.' Petrus antwurde him: 'Al sille jo allegearre yn 'e wei wêze, my binne jo noait ien kear yn 'e wei!' 34 Jezus sei tsjin him: 'Jawier, ik sis dy: yn dizze nacht, ear't der in hoanne kraait, seisto trije kear datsto my net kenst.'

35 Petrus wer tsjin him: 'Sels al moat ik mei jo stjerre, ik sil noait in kear sizze, dat ik jo net

ken.' En dat seine de learlingen allegearre.

36 Dêrop gie Jezus mei harren nei in stee dat fan Getsémané hjit, en hy sei tsjin 'e learlingen: 'Jou jimme hjir del, dat ik ûnderwilens dêrhinne gean om te bidden.' 37 En mei Petrus en de beide soannen fan Sebedeus by him, begûn er it krap te krijen en it fleach him oan. 38 Dêrop sei er tsjin har: 'It giet my suver om dea, sa krap haw 'k it. Bliuw hjir, en dan moatte jimme mei my wekker bliuwe.' 39 En doe't er in lyts eintsje fierder gien wie, liet er him plat foaroer falle, mei it gebed: 'Myn Heit, as it mooglik is, lit dy beker my foarbygean. Lykwols, net sa't ik wol, mar sa't jo wolle.' 40 En wer gie er nei syn learlingen en hy trof se sliepende. En hy sei tsjin Petrus: 'Koene jimme net iens ien oere mei my wekker bliuwe? 41 Jimme kinne better wekker bliuwe en bidde, dat jimme net yn ferlieding komme. De geast wol wol, mar it fleis is swak.'

42 Werris gie er dêrhinne om in twadde kear te bidden, mei de wurden: 'Myn Heit, as er net foarbygean kin sûnder dat ik him leechdrink, dan moat jo wil dien wurde.' 43 En doe't er weromkaam, trof er har wer sliepende, want de eagen wiene har swier.

44 Doe liet er har gewurde om noch in kear dêrhinne en in tredde kear te bidden, dêr't er wer datselde by sei. 45 Dêrnei kaam er wer by de learlingen en sei tsjin har: 'Lizze jimme no noch te sliepen en te bekommen? Sjoch, de oere is no tichteby en de Minskesoan wurdt oerjûn yn hannen fan sûnders. 46 Jimme moatte wekker wurde en hjirwei! Sjoch, dy't my útleverje sil, is no tichteby.'

47 En wylst er noch oan it praten wie, sje dêr, dêr kaam Judas, ien fan 'e tolve, mei in grutte kliber by him mei swurden en kneppels, fan 'e hegeprysters en âldsten fan it folk. 48 De útleverder hie har in teken oantsjut: 'Dy't ik in tût jou, dyselde is it, pak dy!' 49 En daliks kaam er by Jezus mei it sizzen: 'Agoeie, rabby, en hy joech him in tût.' 50 Mar Jezus sei tsjin him: 'Kammeraat, dêr'tst hjir om bist ...' Doe kamen se derby en griepen Jezus beet en paktten him op.

51 En sje dêr, ien fan dy't by Jezus wiene, stuts de hân út om it swurd út te lûken, en mei't er de slaaf fan 'e hegeprysters delsloech, fike er dy syn ear derôf. 52 Jezus doe tsjin him: 'Stek it swurd wer te plak. Allegearre ommers dy't in swurd gripe, komme om troch in swurd. 53 Do mienst dochs net dat ik myn Heit net om help freegje kin? Dan stjoert er my no noch mear as tolve legioenen ingels! 54 Hoe moatte de Skriften dus útkomme, dat it sa komme moat?'

55 Op dat stuit sei Jezus tsjin 'e kloften: 'Binne jim, as wie 't om in rebel, mei swurden en kneppels derop útgien om my op te heljen? By de dei lâns haw ik yn 'e timpel sitten út te lizzen, en jimme hawwe my net oppakt. 56 Ja, sa komme de Skriften fan 'e profeten út.' Doe lieten alle learlingen him dêr efter en flechten.

57 Deselden dy't Jezus oppakt hiene, brochten him fuort, nei de hegepryster Kajafas, dêr't de wetgelearden en de âldsten al byinoar kommen wiene. 58 Petrus folge him hieltyd fan fierren oan it paleis ta fan 'e hegepryster, en nei't er deryn gien wie, siet er by it tsjinstfolk om te sjen hoe't it ôfrûn.

59 De hegeprysters en de hiele Hege Ried sochten om in falsk tsjûgenis tsjin Jezus, dêr't se him mei dea krije koene, 60 mar se koene net ien fine, al kamen der frijwat sabeare tsjûgen. Mar op it lêst kamen der twa 61 dy't seine: 'Dy dêr hat sein, ik kin de timpel fan God ôfbrekke en yn trije dagen opbouwe.' 62 En de hegepryster kaam oerein en sei tsjin him: 'Sille jo net antwurdzje op wat dy dêr tsjin jo betsjûgje?' 63 Mar Jezus hold him stil. En de hegepryster sei tsjin him: 'Ik beswar jo by de libbene God, dat jo ús fertelle oft jo de Kristus binne, de Soan fan God.'

64 Jezus sei tsjin him: 'Jo sizze it sels. Lykwols, ik sis jimme: Hjirnei sille jimme de Minskesoan sitten sjen oan 'e rjochterkant fan 'e Macht en kommen sjen op 'e wolken yn 'e loft.' 65 Doe skuorde de hegepryster de klean mei de wurden: 'Hy hat de gek mei God! Wat hawwe wy noch ferlet fan tsjûgen? Sjoch ris, no hawwe jimme it gekoanstekken heard. 66 Wat sizze jim?' En hja antwurden: 'Hy moat dea!'

67 Doe spuiden se him yn 't gesicht en joege him stompen, en oaren sloegen him yn 't gesicht 68 mei it sizzen: 'Profetearje, Kristus! Dy't dy sloech, wa wie dat?'

69 Mar Petrus siet bûtendoar op it binnenplak. Der kaam in frommeske by him dat sei: 'Do heardest ek by Jezus de Galileeër!' 70 Mar hy ûntstried dat foar allegearre mei de wurden: 'Ik wit net

watsto bedoelst!’ 71 Doe’t er dêrwei gie nei de poarte, seach in oar frommeske him, en dat sei tsjin  
’e lju dêre: ‘Dy dêr hearde by Jezus de Nazoreeër!’ 72 En wer ûntstried er it mei in eed: ‘Ik ken dy  
man net!’ 73 En efkes letter kamen de omstanners by Petrus en seine: ‘Sûnder mis bisto dêr ek ien  
fan, dyn spraak ferret dy ommers wol!’ 74 Doe begûn er te flokken en te swarren fan: ‘Ik ken dy  
man net!’ En fuortendaliks kraaide in hoanne. 75 En Petrus kaam de útspraak fan Jezus yn ’t sin,  
dy’t  
it him sein hie: ‘Ear’t der in hoanne kraait, seisto trije kear datsto my net kenst.’ En hy gie nei bûten  
ta en begûn slim te skriemen.

## Haadstik 27

1 Doe't it wer ljocht wurden wie, holden alle hegeprysters en de âldsten fan it folk oerlis oangeande Jezus, om him dea te krijen. 2 En nei't se him boeiens omdien hiene, brochten se him fuort en droegen him oer oan de steedhâlder Pilatus.

3 Doe't Judas, dy't him útlevere hie, seach dat er feroardiele wurde soe, krige er spyt, dat hy brocht de tritich sulverstikken nei de hegeprysters en âldsten werom 4 mei de wurden: 'Ik haw mis west, want ik haw ûnskuldich bloed ferret.' Mar hja seine: 'Wat hawwe wy dêrmei út te stean? Sjoch sels mar!' 5 En hy smiet de sinten yn 'e timpel en gie dêrwei, en doe gie er hinne en hong himsels op. 6 Mar doe't de hegeprysters de sinten opsocht hiene, seine se: 'Wy meie se net yn 'e offerkas stoarte, omdat it de priis fan bloed is.' 7 Dat nei oerlis kochten se der it stik lân fan 'e pottebakker fan, as likehûf foar de frjemdlingen. 8 Sadwaande kaam datselde stik fan Bloedlân te hjitten, oan hjoeddedei ta. 9 Doe is útkommen wat troch de profet Jeremia sein wie:

En se krigen de tritich sulverstikken,  
de priis fan dy't op jild setten is,  
dy't se fan 'e bern fan Israel taksearren,  
en dy joegen se foar it lân fan 'e pottebakker,  
neffens dat de Hear my opdracht jûn hie.

Mar Jezus waard foar de steedhâlder brocht. En de steedhâlder frege him: 'Bisto de kening fan 'e Joaden?' Jezus sei: 'Jo sizze it sels.' 12 En doe't de hegeprysters en âldsten him stiene te beskuldigjen, joech er neat gjin antwurd. 13 Pilatus doe tsjin him: 'Hearsto net, wat se allegearre tsjin dy betsjûgje?' 14 En Jezus antwurde him net, sels mei gjin wurd, dat de steedhâlder wie wakker ferwûndere.

15 Yn 'e rin fan it feest hie de steedhâlder it foar de moade om it folk ien finzene frij te litten, dy't se woene. 16 Se hiene doe in bekende finzene, dy't fan Barabbas hjitte. 17 Dat doe't se byinoar wiene, sei Pilatus tsjin har: 'Wa wolle jimme dat ik jimme frijlit? Barabbas of Jezus dy't de Kristus neamd wurdt?' 18 Want hy wist, dat se him út oergeunst oerjûn hiene.

19 En wylst er op 'e rjochterstoel siet, stjoerde syn frou him boadskip: 'Moatst dy net mei dy rjochtfeardeige bemuoie, want ik haw hjoed yn in dream gâns om him ferneare moatten!'

20 Mar de hegeprysters en de âldsten brochten de kliber derta, dat se om Barabbas freegje soene, en Jezus ombringe litte. 21 En de steedhâlder sei wer tsjin har: 'Wa wolle jimme fan 'e beiden dat ik jimme frijlit?' En se seine: 'Barabbas!' 22 Pilatus wer tsjin har: 'Dus wat moat ik dwaan mei Jezus, dy't de Kristus neamd wurdt?' Hja allegearre: 'Oan it krús!' 23 Hy sei: 'Wat hat er dan foar ferkeards dien?' Mar se diene oars net as âlje: 'Oan it krús!'

24 Omdat Pilatus wol seach dat it him neat joech, mar dat der earder reboelje kaam, krige er wetter om foar it each fan 'e minsken te hanwaskjen, mei it sizzen: 'Ik bin ûnskuldich oan dy man syn dea. Jimme sjogge sels mar!' 25 En it hiele folk antwurde: 'Syn dea is foar ús rekken en foar ús bern!' 26 Doe liet er harren Barabbas los, en neidat er Jezus mei de swiipe jûn hie, droech er him oer, dat er oan it krús hongen waard.

27 Doe namen de soldaten fan 'e steedhâlder Jezus mei nei it haadkertier, dêr't se de hiele ôfdieling om him hinne sammelen. 28 En neidat se him útklaaid hiene, strûpten se him in poarperen kleed oan, 29 en se frisselen in krânse fan stikels om him dy op 'e holle te dwaan en in prikke yn 'e rjochterhân, en se giene foar him troch de knibbels en stieken him de gek oan: Heu, kening fan 'e Joaden! 30 En se bespuiden him en krigen doe de prikke en sloegen him foar de holle.

31 Doe't se sa de gek mei him hân hiene, diene se him it kleed wer út en diene him syn eigen klean wer oan en fierden him ôf om oan it krús.

32 Doe't se bûtendoar kamen, fûnen se in man út Cyrene mei de namme Simon, en dy twongen se dat er de krúsbalke foar him droech. 33 En doe't se op in plak dat fan Golgota hjit kamen, dat is De Hollekrún, 34 joegen se him wyn te drinken mei galle dertroch. Mar doe't er prean hie, woe er net drinke. 35 En neidat se him oan it krús hongen hiene, ferparten se syn klean

mei lotsjen. 36 En se sieten dêr om by him wacht te hâlden. 37 En boppe syn holle hiene se in buordsje mei de oanklacht hongen:

Dit is Jezus, de kening fan de Joaden.

Dêrop waarden mei him twa rebellen oan it krús hongen, ien oan 'e rjochterkant en ien oan 'e linkerkant. 39 De foarbygongers hiene de gek mei him, skodholjend 40 en mei de wurden: 'Do, dy't de timpel ôfbrekke soest en yn trije dagen bouwe – rêd dysels asto de Soan bist fan God, kom fan it krús ôf!' 41 Itselde seine de hegeprysters ek, dy't him mei de wetgelearden en âldsten de gek oanstieken: 42 'Oaren hat er rêden, himsels rêde kin er net. Hy is de kening fan Israel, lit him no fan it krús ôf komme en wy leauwe yn him! God is syn betrouwen, dy moat him no rêde, as er dat wol. Hy hat ommers sein fan: Ik bin Gods Soan. 44 En fan 't selde lekskoaiden de rebellen dy't mei him oan it krús kommen wiene op him om.

45 Mar fan 'e sechsde oere ôf kaam der tsjuster oer it hiele lân oan 'e njoggende oere ta. 46 En om 'e njoggende oere hinne rôp Jezus mei gâns lûd: 'Ely, ely, lema sabachtany?' Dat wol sizze: Myn God, myn God, wêrom hawwe jo my dochs sitte litten? 47 Mar doe't guon fan 'e lju dy't dêr stiene dat hearden, woene se hawwe: 'Hy ropt om Elia!' 48 En fuort kaam ien fan harren oandraven en krige in spûns, liet dy fol soere wyn rinne en stiek him op in prikke en woe him drinke litte. 49 Mar de oaren seine just: 'Net dwaan! Lit ús ris sjen oft Elia ek komt om him te rêden.' 50 Mar neidat Jezus nochris mei gâns lûd in skreau jûn hie, blies er de lêste sike út.

51 En sjedêr, it foarkleed fan 'e timpel skuorde fan boppen nei ûnderen midstwa en de ierde begûn te skodzjen en de rotsen spjalten, 52 en de grêven giene iepen en gâns lichems fan 'e ferstoarnen begûnen wer te libjen, 53 en neidat hy ek weromroppen wie, kamen se út 'e grêven wei en giene nei de hillige stêd en ferskynden oan gâns minsken.

54 En de offisier en dy't mei him Jezus bewekken, doe't dy de ierdbeving sjoen hiene en wat der allegearre barde, waarden se tige benaud, dat se seine: 'Sûnder mis, de Soan fan God wie dy man.'

55 Dêr wiene fierder in protte froulju dy't it fan fierren oanskôgen, guon dy't Jezus út Galiléa wei folge wiene en har foar him ynset hiene. 56 Dêrby wie Marije fan Magdala, en Marije fan Jakobus, en Joazef syn mem, en de mem fan 'e soannen fan Sebedéus.

57 Doe't it al let op 'e jûn wie, kaam der in ryk man fan Arimatéa, mei de namme Joazef, dy't sels ek learling wurden wie by Jezus. 58 Dy kaam by Pilatus om him te freegjen om it lichem fan Jezus. Doe joech Pilatus oarder om it oan him frij te jaan. 59 En doe't er it lichem meinommen hie, bewuolle Joazef it yn skjûn linnen 60 en lei it yn syn eigen nij grêf, dat er úthoud hie yn 'e rots, en neidat er in grutte stien foar de doar iepening fan it grêf rôlje litten hie, gie er fuort. 61 Dêr wiene Marije fan Magdala en de oare Marije ek by: hja sieten foar it grêf oer.

62 De oare deis, dy't nei de tariedingsdei komt, kamen de hegeprysters en de Fariseeërs byinoar by Pilatus 63 mei it boadskip: 'Hear, it is ús yn 't sin kommen dat dy mislieder sei, doe't er noch libbe: "Nei trije dagen wurd ik wer yn it libben roppen."' 64 Jou dus oarder om it grêf ôf te sluten oan 'e tredde dei ta. Oars komme syn learlingen faaks om him te stellen en tsjin it folk te sizzen: "Hy is weromroppen fan 'e deaden", en dan is de lêste mislieding slimmer as de earste.'

65 Pilatus sei tsjin harren: 'Jimme meie in wacht hawwe. Gean hinne en slút de boel neffens jimme bêste witten ôf.' 66 En hja setten dêrwei en sleaten it grêf ôf mei in wacht, neidat se de stien fersegele hiene.

## Haadstik 28

1 Nei de sabbat, by it lemieren, doe't de earste dei fan 'e wike oanbruts, giene Marije fan Magdala en de oare Marije om by it grêf te sjen. 2 En sjoch, dêr hie in grutte ierdskok west, want in ingel fan 'e Hear wie út 'e himel wei delkommen en dêrhinne gien en hie de stien oan kant rôle en dy siet derboppenop. 3 Syn uterlik wie as de wjerljocht en syn klean wyt as snie. 4 En de wachthâlders wiene alderheislikste kjel en deaden gelyk wurden, sa bang.

5 Dy ingel rjochte him ta de froulju: 'Wês mar net bang, jimme, want ik wit dat jimme Jezus sykje, dy't oan it krús stoarn is. 6 Hjir is er net, want hy is wer yn it libben roppen, sa't er sein hie. Kom, sjoch it plak mar dêr't er lei. 7 Set dan gau hjirwei om it tsjin syn learlingen te sizzen dat er fan 'e deaden weromroppen is, en sjoch, hy giet jimme foarút nei Galiléa, dêr komme jimme him te sjen. Sjedêr, ik haw it jimme sein.'

8 En de froulju giene gau by it grêf wei, kjel en tige bliid, om mei it boadskip nei syn learlingen te draven. 9 En sjedêr, Jezus kaam har yn 'e mjitte en sei: 'Agoeie!' En doe't se oan him ta wiene, pakten se him by de fuotten en foelen foar him op knibbels. 10 Dêrop sei Jezus tsjin har: 'Wês no mar net bang mear. Gean hinne en bring it boadskip oan myn bruorren dat se nei Galiléa ta geane, en dêr komme se my dan te sjen.'

11 Wylst de froulju ûnderweis wiene, sjoch, dêr kamen guon fan 'e wacht yn 'e stêd om de hegeprysters alles oer te bringen wat der bard wie. 12 En doe't dy har mei de âldsten sammele en oerlis holden hiene, joegen se de soldaten moai wat sinten 13 mei de wurden: 'Jimme moatte sizze, syn learlingen binne yn 'e nacht kommen en hawwe him stellen, want wy leine te sliepen. 14 En as ien dat heart by de steedhâlder, sille wy him wol beprate en soargje, dat jimme gjin noed hoege te hawwen.' 15 Dat doe't se it jild oannommen hiene, diene se neffens de oanwizings dy't se krige hiene. En dat ferhaal is ûnder de Joaden ferspraat oan de dei fan hjoed ta.

16 De alve learlingen reizgen nei Galiléa, nei de berch dêr't Jezus har syn opdrachten jûn hie, 17 en doe't se him seagen, oanbidden se him, mar guon wisten it suver net. 18 En Jezus kaam by har om har ta te sprekken: 'Alle macht yn 'e himel en op ierde is no oan my jûn. 19 Dat jimme moatte op reis om fan alle folken learlingen te meitsjen, troch se te dopen yn 'e namme fan 'e Heit en de Soan en de Hillige Geast, 20 troch se te learen om har te hâlden oan alle dingen dy't ik jimme as geboaden jûn haw. En sjoch, iksels bin by jimme, alle dagen, oant it ôfrint mei dit tiidrek.'